



Dij Frysia

Tydskrift foar Fryske Striid en Skriftekennisse

JIERGONG LXXI, nûmer 3

hjerst 2022

ISSN 2352-8958

Jongerein fan de Jungfräiske Mäinskup



(1)



(2)



(3)



Byskriften:

1: Aant-Jelle Soepboer lit earelid Bertus Jans Postma de gouden kneppel sjen (foto: S.T. Hiemstra, sjoch side 11).

2: Aant-Jelle Soepboer, de ûntfanger fan 'e gouden kneppel, mei keunstneresse Grethe-Marie Broersen, de makker dêrfan (foto: JFM, sjoch side 11).

3: Sander Hoekstra: foar de takomst is nij 'Kneppelfreed-elan' needsaaklik (Oerterp, 09-04-2022; foto: S.T. Hiemstra, sjoch side 29).

4: Stephan Dannebaum, Henk Wolf, Wolter Jetten en Tido Specht presintearje de ideeën oan boargemaster Otto (midden) (foto: JFM, sjoch side 11).

5: Sander Hoekstra hat no de foarsittershammer en Chris van Hes in moai boek (8 july 2022, Oerterp; foto: JFM, sjoch side 30).

6: Kaartsjes mei **Frijspraak foar Jenny Douwes** (lofts), oanbean troch Kerst Huisman (rjochts) op de smûke jûn fan de JFM (9 april 2022) te Oerterp (foto: S.T. Hiemstra, sjoch side 27).

7: Sander Hoekstra (lofts, nije foarsitter JFM) en Chris van Hes (ôfgeande foarsitter, rjochts mei de hammer; 09-04-2002) (foto: Sytze T. Hiemstra, sjoch side 29).

[seelter lound]
Gemeinde
Saterland

(4)



(5)

(6)



(7)



De Jungfräiske Mäinskup

Wolter Jetten*



Graffity 'Moin' mei de kaart fan East-Fryslân (foto: JFM).

Nij, fris en 100% (East-)Frysk

Yn 2021 is yn East-Fryslân de **Jungfräiske Mäinskup** oprjochte. Dêrmei hat de Jongfryske Mienskip der in sus-terorganisaasje by krigen! De doelen komme foar in grut part oerien en de ideology ek. Wy wolle wat beskreppe foar de 'nasjonale minderheid de Friezen' yn East-Fryslân. Mar wat docht de feriening no krekt?

Earste aktiviteiten

Troch it koroanafirus wie it begjin wat lestich. Wy koe- nen ommers neat dwaan. Dêrom hat de feriening him talein op de 'digitale striid'. Sa krige de feriening syn eigen webstek www.jungfraeiske-maenskup.frl en it grutte taalprojekt www.oostfraeisk.org kaam online.

Noch sa'n digitaal projekt wie de ynter-Fryske app 'Interfrisian Keyboard' (te finen yn 'e Google Play Store). Sa't de namme al seit, is it in toetseboard-app foar de telefoan. De app is gjin 'autocorrect', mar jout wurd-sug- gestjes by it typen. De brûker typt dus twa of trije letters yn en de app jout fuortdaliks in trijetal suggestjes. Dat

docht de app ûnder oare foar it Sealterfrysk, East-Frysk Plat, Noard-Frysk (Mooring en Ferring) en West(er)lau- wersk Frysk. Foar it West(er)lauwersk Frysk binne trou- wens ek oare apps dy't sawol oer in *toetseboard*, *wurdsuggestje* as *autocorrect* beskikke (Microsoft Swift- key en Google Gboard).

Om it East-Frysk Plat in triuwke yn 'e rêch te jaan, hie- nen wy ek in stikker makke om it brûken fan it East- Frysk Plat te befoarderjen: **Hir word't Ôstfräisk prôt't!** By in tal supermerken, tsjerken en omruilbible- teken kinne de stickers fergees meinommen wurde.

Sealterfrysk? East-Frysk Plat?

Yn East-Fryslân spylje twa talen in rol: *Sealterfrysk* en *East-Frysk Plat*. De namme 'Jungfräiske Mäinskup' is in bytsje in miks fan Sealterfrysk en East-Frysk Plat. Mar wat binne dy talen no krekt?

[ferfolch begjint op side 5]

Kolofon

Wy binne wiis mei jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it folgjende nûmer moat dy ynstjoerd wurde foar 1 desimber 2022. Samler: foar kopij op papier, drs. Piter Dykstra, Balthasar Bekkerstrjitte 7, 9123 JV MITSELWIER; digitale kopij: piter@dykstra.frl

Fêste meiwurkers

drs. Piter Dykstra, drs. Sytze T. Hiemstra, Ed Knotter en dr. Bertus Jans Postma. Korreksje: S.T. Hiemstra en E. Knotter. Opmeitsjen en technyske fersoarging: P. Dykstra.

Meiwurkers oan dit nûmer

drs. Piter Dykstra, Oen Dîrk Feldman, drs. Sytze T. Hiemstra, Sander Hoekstra, drs. Kerst Huisman, Wolter Jetten, dr. Bertus Jans Postma, Jaap Slager, Tid Specht en drs. Henk Wolf.

Postadres

Jongfryske Mienskip,
Postbus 719,
8440 AS IT HEARRENFEAN

Webstek

www.jongfryskemienskip.frl

E-postadres

jongfryskemienskip@gmail.com

Bankrekken

NL92 INGB 0001 0695 35 op namme fan:
Jongfryske Mienskip, IT HEARRENFEAN

Bestjoer

Jenny Douwes, Sjoerd Groenhof, Sander Hoekstra (foarsitter), Wolter Jetten (skriuwer/skathâlder) en Elly Schoonbeek-de Jong.

By de foarside

Fan lofts nei rjochts: Wolter Jetten, Johann Saathoff (parlemintslid fan de Bûnsdei), Onno Feldmann en Tido Specht (foto: JFM).

Fan de redaksje

Foar alle Jongfriezen is der yn dit hjerstnûmer eat fan harren gading te finen op it mêd fan taalkunde, taalstriid, JFM-nijs en poezij en proaza fan Jaap Slager. Wy begjinne mei it East-Frysk of Ôstfrâisk. Wolter Jetten beskriuwt hoe't de Jungfrâiske Mäinskup it opnimt foar it Ôstfrâisk en de Weigelt-stavering. Dêrnei komt de oersetting yn it East-Frysk fan in Noard-Frysk ferhaal fan Johannes Petersen, *Stróótup, stróótdóol*, troch Oen Dîrk Feldman en Tid Specht. Om it Ôstfrâisk en dy oersetting bestudearje te kinnen hawwe wy myn Fryske oersetting, dy't al yn it maitiidsnûmer (*Nij Frisia*, nû. 1, 2022, s. 15-18) opnommen wie, dêrneist ôfprinte. Út *It Nijs* is it berjocht oernommen dat kundskip jout fan de beliedsplannen foar it Sealter-Frysk dy't de Jungfrâiske Mäinskup en it Sealter Buund oan de gemeente Sealterlân foarstelle.

Sytze Hiemstra hat it yn syn 40^{ste} ôflevering fan *Ús eigen Taal* (hulde) oer de kneppel dy't oan Aant Jelle Soepboer útrikt is. Dêrnei docht er yn in brief fan de JFM en de FFU in oprop oan de gemeente Achtkarspelen om foar Fryske plaknammen te kiezen en in brief oan it Committee of Experts lit sjen wêr't de oast sit yn it Nederlânske taalbelied. Yn in brief oan Mercator wurdt helder sketst hoe't goed Frysk ûnderwiis stal krije moat.

Bertus Jans Postma nimt it wer op foar de eigen plaknammen yn de gemeente Waadhoeke. Hy leit út wêrom't er it Hollânsk gjin Nederlânsk neame wol. In goed punt. Der binne omers mear Nederlânske talen as it Hollânsk lykas fansels ús Westerlauwersk Frysk. Sa besjoen hoegde der foar Frysk op skoalle net iens in wet feroare te wurden. Frysk kin gewoan ynstee fan Hollânsk jûn wurde. Wurden dogge der dus ta. Sa koene wy ek wol ris de wurden *minderheidstaal* en *nasjonale minderheden* op de wurklist by de ferskillende oerheden sette kinne. It stiet tsjinoer *mear, better* en is dus sels *leger* oftewol *minderweardich*, ôfwikend fan de mearderheid, net de standert. Oer getalsmjittige *mearderheden* giet it no krekt net. Doe't noch 80% fan de ynwenners fan Fryslân it Frysk as memmetaal hie, waard ús taal al in *minderheidstaal* neamd. Prate oer *minderheden* is dus al planút diskriminearjend taalgebrûk. En in ferdrach as it *Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden* (Convention for National Minorities) docht mei syn namme it tsjinoerstelde as wêr't it ferdrach foar bedoeld is. Dêr moat fansels in positive namme foar komme.

Fan Henk Wolf en Piter Dykstra binne opinystikken oernommen út respekttyflik *It Nijs* en de *LC*. Beide skriuwers neame de tûkelteammen dêr't ús memmetaal fan te lijen hat troch lju dy't derta dogge, bygelyks Ingrid Spijkers fan Omrop Fryslân en Jörg Singer, boargemaster fan Hilgelân. Fierders hâlde wy jimme op 'e hichte mei it nijs út de feriening mei twa taspraken fan ús nije foarsitter Sander Hoekstra (lokwinske!) en in huldiging troch Kerst Huisman fan Jenny Douwes, dy't ferline jier yn ús winter nûmer ek al as *Jantsje fan Arke* troch Jaap Slager yn it sintsje set is (*Nij Frisia*, nû. 4, 2021, s. 28). Lykas faker hat Jaap Slager yn dit nûmer ek wer it lêste wurd, no oer de brândwêsters, os bombeiros voluntários, fan Portugal.

In soad lêsnocht tawinske.

Piter Dykstra



Skermôfbylding fan de app Interfrisian Keyboard (Foto: JFM).

It Sealterfrysk is winliken in lêste oerbliuwsel fan it Frysk yn East-Fryslân. Sealterfrysk wurdt troch sa'n 1000 minsken yn 'e gemeente Sealterlân praat. Der binne noch hieltyd in oantal sterke oerienkomsten mei ús Frysk. It wurdse 'fjouwer' is yn it Sealterfrysk 'fjauer', 'fiskje' is 'fiskje', 'ferwachtsje' is 'ferwachtje'. Ensafuorthinne. Der binne ek wol in pear opmerklike ferskillen. It wurdse 'sizze' wurdt 'kwede' (Aldfrysk: 'quitha') en 'mês/knyft' wurdt in 'Soaks'. Der binne trouwens net allinnich in pear wurden dy't sterk oerienkomme, ek grammatikaal binne de oerienkomsten noch hieltyd sterk. Dat sjocht men foaral oan de -e- en -je-tiidwurden en de foarnamwurden mei alle ferkoarte foarmen.

It East-Frysk Plat wurdt faak lykslein mei it Platdútsk of Nederdútsk. Siket men by Wikipedia of yn oare neislachwurken nei East-Frysk Plat, dan sjocht men as lêzer dat it in fariant fan it Nederdútsk is. De Jungfräiske Mäinskup is fan betinken dat it East-Frysk Plat mear is as in Nederdútsk dialekt. Yn 'e taalklassifikaasje falt it East-Frysk Plat grif wól ûnder it Nederdútsk, mar yn 'e praktyk is it in selstannige taal. De *Ostfriesische Landschaft* fynt de Fryske eigenheid mar oerdreaun en frjemd. Yn harren wurdboeken presintearje se de typysk East-Fryske wurden as 'ferâldere' en de Nederdútske

ynslûpsels presintearje se as 'goede standerttaal'. In pear nûmers lyn haw ik dêr yn dit tydskrift in hiel artikel¹ oer skreaun.

East-Frysk Plat 2.0?

Fryske bewegers út Westerlauwersk Fryslân en Noard-Fryslân hawwe faak allinnich mar belangstelling foar it Sealterfrysk, omdat dy taal 'echt Frysk' is. East-Frysk Plat is in fariant fan it Nederdútsk of Platdútsk en liket dêrom minder ynteressant. Dochs hat it East-Frysk Plat noch aardich wat Fryske wurden en as it oan de Jungfräiske Mäinskup leit, wurde dat yn 'e takomst allinnich noch mar mear. Nije wurden kinne ommers ek út it Sealterfrysk, Noard-Frysk of Westerlauwersk Frysk oernommen wurde. Foar de Jungfräiske Mäinskup binne Sealterfrysk en East-Frysk Plat lykweardich, beide talen drage ommers by oan de Fryske identiteit yn East-Fryslân.

Foar de 'Fryskere fariant' fan it East-Frysk Plat hat de Jungfräiske Mäinskup de webside www.oostfraeisk.org online set. Op dy webside steane ûnder oare in wurdboek (mear as 53.000 lemma's), kursus (259 siden), grammatika (354 siden), boekepublikaasjes en in app. It earste wat opfalt is de skriuwwize. De Jongfräiske Mäinskup brûkt de saneamde Weigelt-stavering. Holger Weigelt hie yn 1975 de earste stavering fan it East-Frysk Plat makke. Yn 2010 is de stavering nochris oereide. De skriuwwize fan Weigelt slút oan op de East-Fryske dialekten, de skriuwwize fan de Ostfriesische Landschaft is der foaral om it East-Frysk Plat tagonklik te meitsjen foar Nederdútsktaligen. Troch de *ferskillende útgongspunten* binne de ferskillen tusken de beide skriuwwizen grut.

It East-Frysk Plat hat in grutte fokaalfoarried en wykt dêrmei sterk ôf fan de Nederdútske tongfallen. By Weigelt wurde al dy lûdskombinaasjes skreaun, by de Ostfriesische Landschaft net. De Ostfriesische Landschaft skriuwt 'Straat', 'Maand' en 'Taal', mar dat seit yn hiel East-Fryslân net ien! Weigelt skriuwt hjir ek neffens de útspraak, dus 'stróóet', 'móónd' en 'tóól'. Sels op wurdnivo binne der frij grutte ferskillen. De Jungfräiske Mäinskup skriuwt 'mértóólerg kinnertûn', 'ēfkes' en 'lūken', de Ostfriesische Landschaft skriuwt 'Mehrsprakig Kinnergaarn', 'kört' (foar 'efkes') en 'trekken'. De Jungfräiske Mäinskup kiest dus op al dy punten foar de *eigenheid* fan it East-Frysk Plat.


¹ Wolter Jetten, 'East-Frysk Plat en Nederdútsk', *Nij Frisia*, nû. 3, 2021 (s. 15-20).

Takomst

Om fierder te groeien binne aktiviteiten needsaaklik. Ien fan de earste aktiviteiten sil in 'Östfräisk wekenäen' wêze, in bytsje neffens it foarbyld fan de 'Frasch Harfsthuchschölj' út Noard-Fryslân. Op it program stiet û.o. in minykursus East-Frysk Plat, ferskillende lêzingen, in speurtocht en oare spultsjes.

Wy pleitsje foar in *Sealterfrysk Ynstitút* en wy wurkje oan de sichtberens fan it Sealterfrysk yn 'e publike romte. Mei it East-Frysk Plat binne wy noch lang net safier. Wy wolle dat it East-Frysk Plat as taal erkend wurdt. Wy moatte distânsje hâlde ta it Nederdútsk of Platdútsk en ús eigen Fryske wei gean. De basis is yn alle gefallen lein.

Minsken dy't de Jungfräiske Mäinskup mei in lyts jildbedrach stypje wolle, kinne dat dwaan op rekkennûmer DE42 2859 0075 0033 6521 00. It rekkennûmer stiet op namme fan de Jungfraeiske Maeinskup en de BIC fan de Ostfriesische Volksbank EG is GENODEF1LER.



Skermôfbylding fan it online-wurdboek www.oostfraeisk.org (foto: JFM).



Stikker 'Hir word't Östfräisk pröt't!' yn Fencesje (Itaalje) (foto: JFM).

Stróótup, stróótdóól

Johannes Petersen

Oerset yn it Òstfräisk troch: Oen Dīrk Feldman en Tid Specht

Piter Dykstra hat in ferhaal fan Johannes Petersen ('Strooap, strootdil') út it Noard-Frysk oerset yn ús Westerlauwersk Frysk (Nij Frisia, nú. 1, 2022, s. 15-18): 'Strjitte yn, strjitte út'. Dykstra hat op Hilgelân ek om in oersetting frege yn it East-Frysk (Òstfräisk). Oen Dīrk Feldman (Onno Dirk Feldmann) en Tid Specht (Tido Specht) binne warber yn de Jungfräiske Mäinskup Òst (d.w.s. de Jongfryske Mienskip fan East-Fryslân) en hawwe oan dat fersyk foldien: Stróótup, stróótdóól (hjrúnder). De oersetting fan Piter Dykstra stiet der wer njonken. Op de foto op de foarkant fan dizze Nij Frisia stiet Tid Specht hielendal rjochts en Oen Dirk Feldman is de twadde fan rjochts.

Būten up 't stróótenplóóster kwam äien ansluren, mōk dāi kōökendöer open un kwam in.

Hinnerk Hājens sgruk bīnanner un sğulde sük achter d' tōrfbāk.

Dat was 'n padsğōjer dāi d'r stun un mit sükker kērls hār dāi lütje Hinnerk nait fööl um d' hān.

Dāi hōördent bī hum tau dāi mienst minsken un kwamment fut nōó d' sğōsstāinfēger.

Man disser sğēn dat hāilundal nait sō 'n óókelk man t' wēsen.

Hāi smüüsterlāgde sülst un fung an 't prōten.

“Wō hāitst dū, mīn jung?” frōg h'.

“Hinnerk Hājens”, anterde dāi lütje, kwam achter d' tōrfbāk weğ un gung fööer dāi frōem stóón. Föör sō 'n padsğōjer was hāi lāng nait bāng.

Māem stun föör d' kōkōvend un langde dāi öljefluttenkuem tau.

Sāi wus wel dāi padsğōjer was.

Dāi grēp tau un smüüsterde dāi lütje man wēr an.

Dō pakde hāi hum fast un stróókde hum ōwer d' kóóek.

Man d'r bī fung Hinnerk wat in d' nōöes up, un dat rōk nōó kuer.

Hāil frsichterğ lēp dāi lütje man wēruem un sat sük dóól up d' bāk.

'T was do 'n padsğōjer, net as dāi annernt ōk.

Māem smüüsterde.

Dāi padsğōjer ōk.

Man bī hum was dat man kwantswīs lāgen.

'N setje kēk h' dóól up d' flaur sünner 'n wōrd t' säegen.

Dō fung h' an t' fertellen: “Sō is 't lēvend,” sē h', “ik hāit ōk Hinnerk un was insent sō 'n fent as dū 't nū büst. Un sükker smóókelk öljeflutten, as dīn māem het, kun mīn māem ōk säiden.

Būten op 'e strjitfluorring kaam immen oanpanderjen, die de kokendoar iepen en kaam deryn.

Hinne Haiens kromp yninoar en ferskūle him efter de turfkiste.

It wie in swalker dy't dêr stie en mei sokke manlju hie de lytse Hinne net folle op.

Dy hearden by him ta de mindere minsken en dy kamen daliks nei de skoarstienreagers.

Mar dy kears skynde it hielendal net sa'n aaklike man te wēzen.

Hy glimke sels en begûn te praten.

“Hoe hjitsto, myn jonge?” frege er.

“Hinne Haiens”, antwurde de lytse, kaam efter de turfkiste wei en gie foar dy frjemde man stean.

Foar sa'n swalker wie er lang net bang.

Mem stie foar de kōkkachel en lange de oaljekoekeskaal oer.

Hja wist wat de swalker woe.

Dy taaste ta en glimke de lytse man wer oan.

Doe pakte er him beet en streake him oer it wang.

Mar dêrby fong Hinne wat yn 'e noas op, en it rûkte nei drank.

Hiel foarsichtich rûn de lytse man tebek en joech him del op 'e kiste.

It wie dochs in swalker, krekt lykas de oaren.

Mem glimke.

De swalker ek.

Mar by him wie it sabeare laitsjen.

In hoart seach er foardel nei de flier sûnder in wurd te sizzen.

Doe begûn er te fertellen: “Sa is it libben,” sei er, “ik hjit ek Hinne en wie ienris sa'n jonkje asto no bist.

En sokke lekkere oaljekoeken, as dy't jimme mem hat, koe ús mem ek bakke.”

Hinnerk sîn mäem dē hum wēr äien üt d' öljefflутtenkuem.

“Ik hār òk ins' 'n tīd as ik ġīn padsġōjer līden muġ un ūtnājde dō ik kuer rōk.

'N lütje wīsnōoes was ik un 't häiel lauġ hār sīn plesæær mit mī.

Wat ik wul, dat set' de ik dōör.

Āl minsken wóóbrūkdent mī, òk mīn mäem.

Hārent s' dat man nāit dóón, dan d'r dōör wur ik 'n padsġōjer.

Sō mit achttain joer was 't läip māl mit mī.

Ik was nāit äin óóvend in hūs, sat altīd in d' wërtskup.

Bāb kun sġellen, sō fööl as h' wul, dat hulp āl nāit.

Mīn mäem bruelde āl nachten 't küssen nat, 't sġēlde mī nāit.

Up 't läest wul dāi wërtsman mī niks mēr daun, nāit ēr mīn sġūld bītóólt was.

Ik un sġüllen bītóólen! Up 'n daġ nājde ik üt.

'N wēk lóóter hār 'k 'n sġip krēgen, dat öwer 't grōt wóóter wul.

Fīf joer heb ik dat up dāi anner sīd fulhollen.

Man wor ik up hōpde, d'r kwam nāit sō fööl fan.

Nū murk ik man ērst, wō gaud ik 't in hūs hat hār.

Dor in d' frōem kērde sūk ġīn äien um mī.

Föör 't arbaiden dōġ ik nāit bīsünners, dan ik hār in hūs nōjt wat dóón.

Mennerġ kēr heb ik mī smachterġ bī 'n koel hūshörn dóólläegen must, dan dāi poer sġillenks, dāi 'k hir un dor ferdäint hār, langdent man net föör dröoēġ brōd.

Sō woer as ik hir stóó, ik was blīd dō ik mit 'n damper wēr wēruem kōmen kun.

Dō ik nū nóó hūs tau góón was! Wō hār mīn mäem sūk wal frājt! Man d'r kun 'k mī nāit tau öwerwinden.

Sul ik dāi lauġsters sō unner d' ögen kōmen? Nē, dan läiver būten in d' frōem blīven.

Un sō tuffel ik stróótup un stróótdóól.

Man nüms wul mī ārbaid daun, wul sō 'n padsġōjer um d' dōören tau lōpen hebben.

Un sō kwam 't, dat ik up d' stróóet blēv un 'n padsġōjer wur net as āl dāi annernt, dāi ġīn hūs of unnerdak mēr hebbent.”

Dāi oel hul up un gung an d' köökentóówel sitten.

Hinnerk sē häilundal niks, häi frōġ mäem nāit ins' um 'n öljeffluet, sō as dat anners sīn wenst was, dō dāi öljeffluttensläif t'gāng kwam.

Hinne' mem joech him wer ien út 'e oaljekoekeskaal.

“Ik haw ek ris in tiid hān dat ik ġīn swalker lije mocht en ūtnaaide as ik drank rūkte.

In lytse wiisnoas wie ik en it hiele doarp hie der wille om.

Wat ik woe, dat sette ik troch.

Alle minsken bepopken my, ús mem ek.

Hiene se dat mar net dien, want dērtroch waard ik in omstipper.

Sa mei achtġin jier wie it suver raar mei my steld.

Ik wie net in jūn thūs, siet altyd yn 'e kroech.

Heit koe skelle, safolle as er woe, dat joech allegearre neat.

Ús mem skriemde alle nachten it kjessen wiet, ik luts my der neat fan oan.

Op it lēst woe de kastlein my neat mear jaan, net earder as dat myn skuld betelle wie.

Ik en skulden betelje! Op in dei naaide ik út.

In wike letter wie ik op in skip bedarre, dat de grutte dobbe oer gean soe.

Fiif jier haw ik it oan de oare kant útholden.

Mar wēr't ik op hope, dēr kaam net sa folle fan út.

No krige ik pas foar it earst troch, hoe goed oft ik it thūs hān hie. Dēr yn 'e frjemdte bekroade net ien him om my. Foar it wurk doogde ik net bjuster, want ik hie thūs nea wat dien.

Mannich kear haw ik my hongereich by in kálde hurdsjerne deljaan moatten, want dy pear skellinge dy't ik hjir en dēr fertsjinne, wiene mar krekt genōch foar drūch brea.

Sa wier as ik hjir stean, ik wie bliid dat ik mei in steamboat wer werom komme koe.

As ik no ris nei hūs ta gie! Wat soe ús mem dat in deugd dien hawwe! Mar ik koe my der net ta sette.

Soe ik de doarpslju sa ûnder eagen komme? Nee, dan leaver būten yn 'e frjemdte bliuwe.

En sa toffele ik strjitte yn, strjitte út.

Mar nimmen woe my wurk jaan, woe sa'n omstipper om 'e doarren rinnen hawwe.

En sa barde it dat ik op 'e dyk bleau en swalker waard lykas alle oaren dy't ġīn hūs of ûnderdak mear hawwe.”

De āldman hold op en gie oan de kokenstafel sitten.

Hinne sei hielendal neat, hy frege mem net iens om in oaljekoek, lykas it oars wēze soe, as de oaljekoekesleef yn beweging kaam.

'N setje lóóter bġgun dāi fröem wēr: “Up 'n óóvend, dō ik mī in 'n hājopper, dāi up 'n wārf stun, dóólläegen wul, wur ik gewoer, dat d'r al äien laġ.

Dō ik nau kēk, saġ ik, dat 't 'n süüek móót was, dāi d'r laġ t' stārven.

Lång höf ik näit bġ hum tau sitten, dan was d'r rüst.

Man dō ik nū bġ dāi dōd móót dāi häiel nacht wóókt hār, fung ik do an 't simmelæaren.

Wul ik nū altġd sō bġ d' stróótkānt liegen blġven? Twei biller trēdent fööer mġn inwenderġ ôġ: ik sülst, ofslēten fan kop bit faut, häil bŭten bġnŭl, liegend bġ 'n slōdswal, un mġn mäem höör fertrukken siecht mit sneiwiet hoer.

Dāi anner mörn was ik al wēr bġ 't pad, stróótup un stróótdóól, bit ik fēr in d' fērt dāi lŭtje karktörn fan us laug saġ.

Dō 't bġgun, düüster t' worden, hār 'k al dāi êrst hŭsen achter mġ.

As 'n dāif slēk ik mġ bilangs dāi bġkent stróóten, dat mġ nŭms kende.

Dor laġ mġn ollenhŭs.

Döör 't kóómerfenster sġġen lŭcht.

Sġöej slōp ik döör dāi pōrtdöör bġ d' müer langs nóó 't wōnen tau.

D'r was fan binnen niks tau höören, blōt dāi slinger fan d' oel kloek in d' hauk fan dāi kachelövend klung as alēr.

Sul ik an d' rŭd kloppen? Nē, ik kun näit! Mġn hārt pukkerde, as sat 't bōven in d' hals, tróónen stunnent mġ in d' ōgen, man ik kun mġ d'r näit tau brengen, dat ik fööer mġn ollen stapde.

Süünerġ un stóóderġ slēk ik ōwer d' wārf un lēt mġ in 'n streibüelt fālen.

Dat bäest was man dat ik wēr fandöör lēp.

Dan wus nŭms ennerwat fan wat ik wus, dan broch ik ġġn lawāj in 't laug un mäem un bāb mussent sük d'r näit föör sġóómen dat höör enkeld fent 'n padsġöjer was.

Dō 't bġgun tau dóógen un dāi süen mit 'n rôd gläent in ' ōst umhōġ rēs, dō was ik al fēr weġ fan 't laug fan mġn ollen.

Sō stājt dat d'r nū mit mġ.

Ik bŭn 'n padsġöjer blēven.

Of un an ārbaid ik insent 'n poer dóóġ, man näit lång.

Ik kan näit anners, ik maut unnerwēgens wēsen.

Smachterġ up 't bāer, smachterġ wēr hōġ, dor blift mġn hārt sund bġ.

Man mitunner kumt dat grôt ferlangst.

Dan maut ik sō gāu as möögelk nóó 't nōrd tau, dor

In skoftke letter begŭn de frjemdling wer: “Op in jŭn doe't ik my yn in hea-oper dy't op in terp stie, deljaan woe, waard ik gewaar dat der al ien lei.

Doe't ik goed seach, fernaam ik dat it in sike maat wie, dy't dêr lei te stjerren.

Lang hoegde ik net by him te sitten ear't er rêst wie.

Mar doe't ik no by de deade kammeraat de hiele nacht wekke hie, begŭn ik dochs nei te tinken.

Woe ik no altiten sa oan 'e kant fan de dyk lizzen bliuwe? Twa bylden dagen op foar myn ynderlik each: ien fan mysels fan ūnderen oant boppen yn fodden en warleas, lizzend yn 'e sleatswāl en ien fan ús mem mei in ferlutsen antlit mei sniewyt hier.

De oare moarns wie ik al wer ūnderweis, strjitte yn en strjitte út, oant ik fier yn 'e fierte de lytse tsjerketoer fan ús doarp seach.

Doe't it tsjuster begŭn te wurden, wie ik de earste huzen al foarby.

As in dief strŭnde ik troch de bekende strjitten, sadat nimmn my derút kenne soe.

Dêr stie myn āldershŭs.

Troch it keamersrút skynde ljocht.

Skruten sloep ik troch de poartedoar by de muorre lâns nei de wente ta.

Der wie fan binnen neat te hearren, inkeld it slaan fan de āld slingerklok yn de hoeke fan de tegelkachel klonk as alearen.

Soe ik op it rŭt tikje? Nee, dat koe ik net! It hert bŭnze my boppe yn 'e kiel, triennen stiene my yn 'e eagen, mar ik koe my der net ta krije en stap op myn ālden ta.

Sunich en stadich sluorke ik oer it hiem en liet my in striebult delfalle.

It wie mar it bêste en rin wer troch.

Dan wist nimmn earne fan wat ik wist, dan brocht ik ġġn trelit yn it doarp en heit en mem hoegden harren der net foar te skamjen dat harren iennichste soan in swalker wie.

Doe't it begŭn te daagjen en de sinne mei in reade gloede yn it easten omheech kleau, doe wie ik al fier by myn bertedoarp wei.

Sa stiet it der no foar mei my.

Ik bin in swalker bleaun.

Út en troch wurkje ik in pear dagen, mar net lang.

Ik kin net oars, ik moat ūnderweis wēze.

Mei honger yn 'e hals op bêd, mei honger derôf, dêr bliuwt myn hert sŭn by.

Mar soms komt dat grutte ferlet.

Dan moat ik sa gau as mooglik nei it noarden, wēr't de

wor dāi lütje karktörn fēr döör dāi gröyen bömen
sǵäimert.

Dor sit ik dan un säi un säi un slóó un – sǵräiv.

Up 't läest kan ik wēr lägen.

Dan drāj ik mī um un kaier wēr döör, stróótup,
stróótdóól.

Güster heb 'k jüüst d'r west.”

Dāi oel strēk sük döör d' bord.

Dāi öljeftuten härent bestgaud pröyvt.

Hāi drājde sük sachtjes um un mōk dāi döör öpen.

“Dat dürt sēker 'n joer, dan kōm ik wēruem”, sē h' no
un dan slurde h' um 't hūs hen nóó d' stróóet tau.

In d' kōöken was 't stiel.

Māem stun bī d' kōkōvend un swoer dochten gungent
höör döör 't hōvd.

Dāi lütje Hinnerk sat no up d' törfbāk.

Hāi grīsde d'r ök fan.

lytse tsjerketoer fier oer de griene beammen galmet.
Dēr sit ik dan en sjoch en sjoch en slaan en – skriem.

Op it lêst kin ik wer laitsje.

Dan draai ik my om en gongelje wer troch, strjitte yn,
strjitte út.

Juster haw ik der west.”

De āld man striek him troch it burd.

De oaljekoeken hiene poerbêst smakke.

Hy draaide him stadichoan om en die de doar iepen.

“It duorret grif in jier, dan kom ik werom”, sei er noch
en toffele om it hūs hinne nei de dyk ta.

Yn 'e koken wie it stil.

Mem stie by de kōkkachel yn swiere tinzen fersonken.

Lytse Hinne siet noch op 'e turfkiste.

Hy grīsde der ek fan.

Jongfryske Mienskip: tsien plannen foar mear Frysk yn it Sealterlanner strjitbyld



Stephan Dannebaum, Henk Wolf, Wolter Jetten en Tido Specht
presintearje de ideeën oan boargemaster Otto (midden) (foto:
JFM).

*Frysk wurdt net inkeld mar yn de provinsje Fryslân
praat. Yn it westen fan Grinslân is ek in hoeke dêr't
Frysk praat wurdt. Fierder binne der twa Frysktalige
streken yn Dútslân: Noard-Fryslân en Sealterlân. Yn dy
lêstneamde regio, dy't ek in gemeente is, is ferline wike in
plan presintearre om it Frysk sichtberder te meitsjen op 'e
dyk.*

It idee komt fan de *Jongfryske Mienskip*. De bestjoersle-
den Tido Specht en Wolter Jetten hawwe dy op papier
LXXI-3-10

set. Hja krigen dêrby stipe fan Henk Wolf
fan de *Oldenburgische Landschaft* en
Stephan Dannebaum fan it Sealter
Buund. Fjouweresom presintearren se de
ideeën ferline wike oan de Sealterlanner
boargemaster Thomas Otto.

De boargemaster wie wiis mei de útstel-
len, die er te witten. Wol wiisde er derop
dat se net allegear maklik út te fieren bin-
ne, om't foar guon tastimming fan ferska-
te oerheden nedich is. Ien idee sil er
ynkoarten útfiere: op it gemeentehûs
komt in nij boerd dat yn de twa talen
Dútsk en Frysk 'riedhûs' oanjout.

Oare ideeën binne twatalige ferkearsbuorden, in
Frysktalige aksje om stadich te riden deun by
skoallen en Frysktalige nammen foar toeristyske
attraksjes.

Boarne: *It Nijs*, 27/07/2022¹

¹ https://www.itnijs.frl/2022/07/tsien-plannen-foar-mear-frysk-yn-it-sealterlanner-strjitbyld/?utm_source=mailpoet&utm_medium=email&utm_campaign=newsletter-post-title-en-mear_1

Ús eigen Taal (40)

Sytze T. Hiemstra

Jongfryske Mienskip: Aant-Jelle Soepboer kriget earste ‘gouden kneppel’

Aant-Jelle Soepboer hat op de ‘Smûke Jûn’ fan de JFM op 9 april 2022 in earbewiis krige foar syn krewearjen foar de Fryske saak. As bandlid fan Baldrs Draumar hat er de Fryske taal en skiednis tichter by de jongerein brocht, as ferbiner hat er bydroegen oan it ferbetterjen fan de ynter-Fryske kontakten, as ûnderwizer kaam er mei de ‘Google Translate wike’ sels yn it sjoernaal en as politikus hat er in wichtige rol spile by it ynfieren fan Fryske plaknammen yn de gemeente Noardeast-Fryslân. Dêrom hat it bestjoer de opdracht jûn om in houten kneppel meitsje te litten,



Sytze T. Hiemstra

dy’t ek wol ‘de gouden kneppel’ neamd wurdt.

De kneppel is makke troch keunstneresse Grethe-Marie Broersen. It houtsnijwurk tilt op fan de symbolyk út de Fryske skiednis.

Dizze twadde edysje fan de ‘Smûke Jûn’ waard in tige gesellich barren mei muzyk, hapkes, drankjes en in nofflike neisit.

Aant-Jelle Soepboer lit earelid Bertus Jans Postma de gouden kneppel sjen (foto: S.T. Hiemstra).



Aant-Jelle Soepboer, de ûntfanger fan ‘e gouden kneppel, mei keunstneresse Grethe-Marie Broersen, de makker dêrfan (foto: JFM).




De gouden kneppel mei ‘Kneppelfreed 1951-2021’ (foto: S.T. Hiemstra).

Yn july 2022 waard yn Achtkarspelen de kadernota 2023-2026 bepraat. De Jongfryske Mienskip en de Feriening Frysk Underwiis roppe de gemeente Achtkarspelen deryn op om wurk te meitsjen fan Fryske plaknammen yn de Gemeentlike Basisadministraasje (GBA) en Basisregistraasje Adressen en Gebouwen (BAG).

Yn 2023 bestiet Achtkarspelen 685 jier en neffens de JFM en de FFU soe it in skoan momint wêze dat dy gemeente ek yn 'e rige, nei Tytsjerksteradiel, Dantumadiel en Noardeast-Fryslân, syn Fryske kleur yn de GBA/BAG bekennt. In moasje soe yn de kadernota 2022 en bekrêftige yn de begruttingsried 2022 dêr in goede oanset by wêze kinne.

It ûndersteande brief is nei de riedsleden, riedsfoarsitter en riedsgriffy fan de gemeente Achtkarspelen stjoerd.¹



AchtKarspelen ek op wei nei Fryske plaknammen? Eigentalige doarpsnammen binne in tige wichtich kultuerbesit dat ek yn de taaloerdracht by it ûnderwiis fan grut belang is foar de hjoeddeistige en takomstige generaasjes. Dat kin allinnich goed ferrinne as de Fryske plaknammen offisjeel makke wurde, sadat se yn dy foarm ek yn ûnderwiislemiddels opnommen wurde en net ferdwine.

Brief fan de JFM en FFU oan Achtkarspelen mei it pleit foar Fryske plaknammen

Datum: 11 july 2022

Oan: Riedsleden fan gemeente Achtkarspelen

Oanbelangjend: Brief foar behandeling by de Kadernota 2023-2026, program 5: Kultuer op 14 july 2022

Ûnderwerp: Fersyk om te kommen ta Fryske plaknammen yn de GBA/BAG

Fan: de Jongfryske Mienskip en Feriening Frysk Underwiis (FFU)

AchtKarspelen, oars as oars

Neffens J.J. Spahr van der Hoek yn syn boek *AchtKarspelen. Oars as oars?* is de fan âlds oerlevere foarm fan de gritenij 'Octo Parrochia' opskreaun yn 1338. En *Tresoor* neamt ek it jiertal 1338, opskreaun yn it 'Charter-boek van Vriesland, dl. I'.

AchtKarspelen naam lang in apart plak yn Fryslân yn. Tsjerklik hearde it yn de Midsiuwen ta it bisdom Münster, wylst de rest fan Fryslân ûnderdiel wie fan it bisdom Utrecht. Yn 1398 stie Achtkarspelen foaroan yn it ferset tsjin Albrecht fan Beieren en de Hollanners. It ûntstean fan de gritenijen hat in soad te krijen mei spul tusken de Friezen en de Hollânske greven yn de 13e iuw. By de gemeentewet fan Thorbecke yn 1851 wurdt de benaming 'gritenij' ferfongen troch 'gemeente' en 'grietman' troch 'boargemaster', sadat yn hiel Nederlân deselde nammejouwing brûkt wurdt.

Selsstannich Achtkarspelen

Yn de ôfrûne desennia hawwe de ferskate gemeenterieden yn Achtkarspelen by eltse diskusje oer bestjoerskrêft bewust keazen foar in selsstannich fuortbestean. Dat it belied by de eigen gemeente bliuwt en net los te sjen is fan de bestjoerlike autonomy dêrfan.

Doarpsnammen

Oer nammejouwing sprutsen, it docht bliken dat de doarpsnammen yn de gemeente Achtkarspelen yn de GBA/BAG noch formeel yn it Hollânsk registrearre steane, wylst hast eltse ynwenner yn Achtkarspelen dy yn 't Frysk útsprekt. Wy libje no alwer hiel

¹ Sjoch ek 'It Nijs' fan 14 july 2022: https://www.itnijs.frl/2022/07/jfm-en-ffu-fryske-plaknammen-foar-achtKarspelen/?fbclid=IwAR0bVQ1xSSpa7xHcqaol31Fk_Cy--a01k8FMskJZaMgSKOMPgxs1E2VIW8s



De striid foar 'Fryske plaknammen' duorret al lang. In publikaasje fan de Fryske Akademy út 1958.

wat jierren yn in tiid dat formeel registrearre Frysktalige plaknammen yn de GBA/BAG folslein normaal en akseptearre binne. Elts kin mei de moderne helpmiddels de doarpen fine. De feroaringskosten kinne mei stipe fan de provinsjale 'Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske Taal 2022' betelle wurde. De kombuorden kinne bliuwe lykas se no binne.

Eigentalige doarpsnammen binne in tige wichtich kultuerbesit dat ek yn de taaloerdracht by it ûnderwiis fan grut belang is foar de hjoeddeistige en takomstige generaasjes. Dat kin allinnich goed ferrinne as de Frysktalige plaknammen offisjeel makke wurde, sadat se yn dy foarm ek yn ûnderwiislearnmiddels opnommen wurde en net ferdwine.

It geroft giet – en soks kin dochs net wier wêze? – dat de H&I's fan de grutte doarpen yn Achtkarspelen de emansipaasje om te kommen ta formeel registrearre Frysktalige doarpsnammen yn de GBA/BAG tsjinhâlde. Dat leauwe wy sels eins net en as it al sa is, dan soe it der fier by troch wêze en dêrmei de oare doarpen yn Achtkarspelen te koart dwaan.

Yn 2023 bestiet Achtkarspelen 685 jier en it soe in skoan momint wêze dat ek dizze gemeente yn de rige, nei Tytsjerksteradiel, Dantumadiel en Noardeast-Fryslân, syn Fryske kleur bekend yn de GBA/BAG. In moasje dêrta yn de kadernota 2022 en bekrêftige yn de begruttingsried 2022 soe dêrby in oanset wêze kinne.

*In bekende siswize seit:
Asto echt wat wolst, fynst altyd in wei. Asto it net wolst, fynst altyd in ekskús.*

Wat dat oanbelanget en mei nije takomstige gemeenterieden dy't hoek hâlde, sil ek yn 2038, it 700-jierrich besteansjubileum fan de Fryske gemeente Achtkarspelen, fierd wurde kinne.

Mei achtinge en freonlike groetnisse,
Jongfryske Mienskip
Wolter Jetten (skr.)
jongfryskemienskip@gmail.com

Feriening Frysk Underwiis
Sytze T. Hiemstra (skr.)
ffupost@hotmail.com



In boek fan Karel F. Gildemachter út 2007 oer 'Friese plaatsnamen' (Fryske Akademy, nû. 1013).

Brief fan de Feriening Frysk Underwiis (FFU) oan it Committee of Experts (Hânfêst) en it Advisory Committee (Ramtferdrach) oer de stân fan saken Fryske taal en Fryske skiednis yn it ûnderwiis (22/06/2022)



Oansletten by de Ried fan de Fryske Beweging

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

FFU-brief (d.d. 22 juny 2022) fan drs. Th. Dykstra en drs. S.T. Hiemstra ornearre foar it Committee of Experts (Hânfêst minderheidstalen) en it Advisory Committee (Ramtferdrach nasjonale minderheden) fan de Ried fan Europa, dy't op 29 juny 2022 in besite oan Fryslân brochten om har te ynformearjen oer de stân fan saken oangeande de Fryske taal en Fryske skiednis yn it ûnderwiis.

De FFU is noch lang net tefreden oer it plak dat ús eigen taal en skiednis ynnimt yn it ûnderwiis en neamt in grutte rige knyp punten dy't noch oplost wurde moatte. It brief is op 29 juny 2022 oan de komitees oerlange troch de *Jongfryske Mienskip* (Sander Hoekstra, foars. JFM) en it *EBLT* en ek apart troch de FFU ferstjoerd oan prof. dr. René de Groot (lid fan it Committee of Experts foar it Europeesk Hânfêst en saakkundige fan de Ried fan Europa foar Nederlân).

Voor de Raad van Europa/For the Council of Europe' (bezoek ComEx Handvest en Adviescommissie Kaderverdrag aan Nederland 28 juni t/m 1 juli 2022)

Onderwerp/Topic: Stand van zaken Europees Handvest voor minderheidstalen en Kaderverdrag voor Nationale Minderheden/State of play European Charter for Minority Languages and Framework Convention for National Minorities t.b.v. de 'Kommissje fan Eksperts' en de 'Advyskommisje'

Itens/Drachten, 22 juny 2022

Geacht comité fan de Raad van Europa/Dear Committee of the Council of Europe,

In de *Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019 – 2023* geven Rijk en de provincie Fryslân aan dat onderwijs in het Fries een vanzelfsprekende zaak is. Niet van-

wege een verplichting, maar omdat dit onderwijs een toegevoegde waarde heeft. Voor de overheid houdt zulks in dat scholen in het Friese taalgebied in 2030 **geacht worden** geen ontheffing voor het vak Fries meer nodig te hebben. Mooi gezegd, maar de wettelijke verplichting wordt op deze manier wel ontkracht. Een morele oproep is onvoldoende voor een rechtvaardig en democratisch beleid.

Het uitvoerend beleid van de Provincie – verwoord in het *Projekt Taalplan Frysk 2021* – is gebaseerd op een vijftal stimulerende maatregelen, die slechts een faciliterende functie hebben en zich beperken tot het doen van een appèl op de scholen om het onderwijs in het Fries een plaats te geven. Op dit moment is het bovendien nog volkomen onzeker wat de inhoud en het niveau zal zijn van de aangekondigde (verplichte) volgende generatie kerndoelen Fries voor basis- en onderbouw voortgezet onderwijs.

Het inventariserend *Rapport Taalplan Frysk (2018)* – bedoeld als 0-meting in het project *Taalplan Fries 2030* – geeft een ontluisterend beeld van wat er bereikt is voor het onderwijs in het Fries sinds de verplichting voor het basisonderwijs in 1980, respectievelijk in 1993 voor het voortgezet onderwijs. In bedoeld rapport geven scholen o.m. aan dat voor hen meer aandacht voor het Fries niet gewenst is. Op dit moment is al bekend dat sommige scholen zelfs een terugval laten zien in de keuze voor een taalprofiel, waarbij meer of minder van de verplichte kerndoelen volledig geschrapt blijven.

Met een aan zekerheid grenzende waarschijnlijkheid zal de doelstelling van de verantwoordelijke overheden dat scholen in 2030 geen ontheffing meer nodig hebben, dan ook niet gehaald worden. Er ontbreekt een implementatiebeleid met duidelijke **taakstellingen voor scholen**. Soortgelijke problemen doen zich bijvoorbeeld ook voor bij het stikstof- en klimaatbeleid.

Het onderwijsbeleid voor het Fries is eveneens gebaseerd op de toevallige ambitie en vrijwilligheid van personeel en besturen. Dat ongeveer een derde van de scholen het Fries wel serieus neemt, is dan ook lofwaardig maar volstrekt onvoldoende. Het beleid heeft dan ook meer het kenmerk van ‘wegkijken’ en in de praktijk werkt het als een sterfhuisconstructie.

Hieronder geven we aan welke (wettelijke) knelpunten – in vergelijking met de positie van de dominante landstaal – een rol spelen in het **discriminerend klimaat**, waardoor gelijkwaardig en gelijkberechtigd onderwijs in het Fries in het gros van de scholen maar geen kans krijgt.

De knelpunten:

1. De unike, allinnich foar it Frysk ornearre, en antydemokratyske **draachflakkonstruksje** yn de wetjouwing foar primêr en fuortset ûnderwiis jout skoalbestjoeren alle romte om it ferplichte ûnderwiis yn it Frysk neffens eigen tinken wol of amper in plak te jaan. De provinsje hat gjin hanthaveningsfoech en kin allinne moreel druk op it skoalbestjoer útoefenje. It Ryk is einferantwurdlik.

2. De ûnderwiisynspeksje hâldt yn tsjinstelling ta it Nederlânsk gjin **jierliks tafersjoch** op de fuortgong yn ûntwikkeling en resultaten fan it ûnderwiis yn it Frysk. De periodike meta-ûndersiken fan de ynspeksje binne allinne in ferslach fan hoe’t op makronivo de stân fan saken is mei it ûnderwiis yn it Frysk yn p.û. en f.û.

3. Behearsking fan it Frysk is gjin **funksje-eask** yn p.û. en f.û., wylst dat wol it gefal is foar de earste rykstaal. It gefolch is dat op de measte basisskoallen it Frysk as fak en as fiertaal net mooglik is, omdat learkrêften net betûft binne. Wol of net behearsking fan it Frysk is no in saak fan eigen ambysje fan de learkrêft lykas it folgen fan in kursus (Klasse-Frysk).

4. De yn 2015 opstelde provinsjale **‘Beleidsregel’** yn it ramt fan it ûntheffingsbelied (folsleine of parsjele ûntheffing) lit skoallen op grûn fan eigen ynsjoch kieze út in tal taalprofilen mei mear of minder kearndoelen (kearndoelen jouwe it wetlik minimum-oanbod). Troch as skoalle gjin taalprofilen mei de skriftlike feardichheden te kiezen betsjut sa’n kar dat (ynterne) differinsjaasje yn it lesprogramma, passend by de mooglikheden fan de bern, per defynysje al útsletten wurdt. Frysktalige bern krije dan bygelyks gjin kâns om har feardichheden lykas lêzen en skriuwen yn it Frysk eigen te meitsjen. Mei rjocht en reden hat de Cedin-wurkgroep (2020) advisearre dat differinsjaasje in taak fan de learkrêft is en net yn de nije kearndoelen Frysk thús heart. De ynspeksje hat de provinsje yn 2019 dan ek advisearre om dy

taalprofilen te ‘heroverwegen’.

5. Hoewol’t der materiaal foar it ûnderwiis yn it Frysk as fak beskikber is, is ek it brûken fan de taal as ynstruksjetaal by oare fakken fan grut belang. Foar dy transfer is noch altiten ûnfoldwaande yntegraal meartalich skriftlik materiaal mei in folweardich plak foar it Frysk beskikber.

Wil er in de toekomst nog sprake zijn van een Fryslân met de rijkdom van een eigen taal en cultuur, dan zal het roer beleidsmatig om moeten. In de komende jaren zal elke school een planning dienen te geven waarin voor elk jaar is aangegeven hoe uiteindelijk in 2030 **alle** kerndoelen Fries (alle taaldomeinen) een plaats in het aanbod van de school hebben gekregen. De recent aangewezen ‘taalstipers’ kunnen hierbij behulpzaam zijn.

Een ander op te lossen urgent discriminerend knelpunt is de nog steeds facultatieve status van het Fries (als vak en als instructietaal) in de **Wet op de Expertisecentra** (WEC; scholen voor speciaal onderwijs). Die vrijblijvende status is flagrant in strijd met de door Nederland ondertekende bepalingen uit het Europees Handvest (art. 8) en heeft tot dusverre veel schade aangericht bij de Friese leerlingen en aan de Friese taal en dient dus als verplichting te worden geformuleerd. Dat geldt eveneens voor het recht op volwaardig onderwijs in en over de **geschiedenis van de Friezen en hun taal** (bepaling Handvest, art. 8). Een en ander dient afdoende in wetten en regels verankerd te worden en geformuleerd in verplichte kerndoelen.

Hoewel onderwijs in het Fries pedagogisch en maatschappelijk een vanzelfsprekende zaak is, dienen er een aantal noodzakelijke beslissingen genomen te worden. Dat zijn o.a.:

- De **ondemocratische draagvlakconstructie** dient uit de WPO en WVO verwijderd te worden. De Friese bevolking heeft recht op onderwijs in eigen taal, geschiedenis en cultuur. Het is niet aan de uitvoerende organisatie om dit recht eenzijdig aan de kant te schuiven.

- Na 2030 dient de onderwijsinspectie **toezicht te houden op de resultaten** van het onderwijs in het Fries in het kader van de verplichte *Eindtoets Basisonderwijs* in Fryslân. In het voortgezet Onderwijs behoort het examen Fries tot de verplichte examenvakken.

- In 2030 dienen **alle** leerkrachten het Fries zodanig te beheersen dat zij verantwoord les kunnen geven in de Friese taal. Ook deze verplichting dienen de scholen in hun planning met het oog op 2030 op te nemen.

- Mede op advies van de onderwijsinspectie (2019)

dient het ontheffingsbeleid van de provincie niet langer gebaseerd te zijn op zogenaamde taalprofielen. In gedifferentieerd onderwijs behoort aan elke leerling de mogelijkheid geboden te worden om ‘**zover mogelijk te komen**’. Ontheffing is een tijdelijke maatregel en behoort niet opgevat te worden als een alibi om permanent het onderwijs in het Fries van de school te weren.

• Ontwikkeling van verantwoord **integraal meertalig lesmateriaal** is urgent om leerkrachten in staat te stellen goed onderwijs te kunnen geven met het oog op de relatief beperkte onderwijstijd (transfer) en didactische mogelijkheden (verantwoord leren van talen).

Translation in English

In the *Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019 – 2023* the national government and the province of Fryslân indicate that education in Frisian is a matter of course. Not because of an obligation, but because this education has added value. For the government this means that schools in the Frisian-language area are deemed to no longer require an exemption for the subject of Frisian by English 2030. Nicely said, but the legal obligation is invalidated in this way. A moral appeal is not enough for a just and democratic policy.

The executive policy of the Province – expressed in *Projekt Taalplan Frysk 2021* – is based on five stimulating measures, which only have a facilitating function and are limited to appealing to schools to give education in Frisian a place. At the moment it is also completely uncertain what the content and level will be of the announced (mandatory) next generation of Frisian core objectives for primary and lower secondary education.

The inventory report *Taalplan Frysk (2018)* – intended as a baseline measurement in the *project Taalplan Fries 2030* – provides a shocking picture of what has been achieved for education in Frisian since the obligation in 1980 for primary education and in 1993 for secondary education, respectively. In the report referred to, schools indicate, among other things, that they do not want more attention for Frisian. At the moment it is already known that some schools even show a relapse in the choice of a language profile, whereby more or less of the compulsory core objectives remain completely deleted.

With a probability bordering on certainty, the target of the responsible authorities that schools will no longer need an exemption by 2030 will therefore not be achieved. There is no implementation policy with clear targets for schools. Similar problems arise in, for example, nitrogen and climate policy.

The education policy for Frisian is therefore based on the accidental ambition and voluntariness of staff and boards. The fact that about a third of schools do take Frisian seriously is therefore commendable, but completely insufficient. The policy therefore has more of the characteristic of 'looking away' and in practice it works like a construction for the dead.

Above we indicate in Frisian which (legal) bottlenecks – in comparison with the position of the dominant national language – play a role in the discriminatory climate, as a result of which equal and equal education in Frisian does not get a chance in the majority of schools.

If in the future there is still a Fryslân with the richness of its own language and culture, then policy will have to change course. In the coming years, each school will have to provide a plan in which it is indicated for each year how eventually all Frisian core objectives (all language domains) will have a place in the school's range by 2030. The designated ‘taalstippers’ (language helpers) can be helpful in this regard.

Another urgent discriminatory problem to be resolved is the still optional status of Frisian (as a subject and as a language of instruction) in the **Expertise Centers Act** (WEC; schools for special education). This non-binding status is flagrantly contrary to the European Charter (art. 8) and has so far caused a lot of damage to children and language and should therefore be formulated as an obligation. This also applies to the right to full education in and about the **history of the Frisians and their language** (Charter, art. 8). All this must be sufficiently anchored in laws and regulations and formulated in mandatory core objectives.¹

Although education in Frisian pedagogically and socially is a matter of course, a number of necessary decisions have to be made. Those are therefore:

¹ Enkele nog steeds relevante en actuele bijdragen van Friese organisaties (Fryske Rie, Feriening Frysk Underwiis [FFU] en ‘Sis Tsiis’) zijn aan te klikken op de volgende links:
<http://ffu-frl.eu/PDF/191017.def.BAST-FFUfoldertekstENDF.logo.pdf> (Europees Handvest/Charter, 2019)
http://ffu-frl.eu/PDF/191013.191029.%5b3%5ddef.bydr.TD-STH.FFU-BAST.17.okt.CoE.Ing.en.Ned_.pdf (Europees Handvest/Charter, 2019)
<http://www.ffu-frl.eu/PDF/181118-AdvisoryCommittee.Framework.Convention.Ljouwert18nov.2018.foarFryskeRie.logo.pdf>
(Kaderverdrag nationale minderheden/Framework Convention, 2018)

- The *support structure* should be removed from the WPO and WVO as **undemocratic**. The Frisian population has the right to education in their own language, history and culture. It is not up to the executive organization to unilaterally set aside this right.

- After 2030, the Education Inspectorate must **monitor the results** of education in Frisian in the context of the compulsory *Primary Education Final Test* in Fryslân. In secondary education, the Frisian exam is one of the compulsory exam subjects.

- By 2030, **all** teachers must master Frisian in such a way that they can teach in the Frisian language responsibly. Schools should also include this obligation in their planning with a view to 2030.

- Partly on the advice of the Education Inspectorate (2019), the provincial exemption policy should no longer be based on so-called language profiles. In differenti-

ated education, every student should be given the opportunity to **'get as far as possible'**. Exemption is a temporary measure and should not be interpreted as an alibi to permanently ban Frisian education from the school.

- Development of responsible integral multilingual teaching material is urgent to enable teachers to provide good education in view of the relatively limited teaching time (transfer) and didactic possibilities (responsible language learning).

Met de meeste hoogachting/

Yours sincerely,

drs. Th. Dijkstra (voorz. FFU)

drs. S.T. Hiemstra (secr. FFU)

In útstel foar ús plaknammen: de ûnderste taal boppe

Bertus Jans Postma



Easterbierrum, blinder! Dat heart de offisjele namme te wêzen ...

*K*rekt foar de lêste riedsferkiezings stie yn 'e krante dat de polityk yn de Waadhoeke de tasizzing die 'earlik wêze' te sillen. Dêr mocht men fansels wol wiis mei wêze.

De gemeente telt 4 talen en in 40 doarpen mei nochal wat Hollânsktalige nammen út it eardere Frjentsjerteradiel. Yn it eardere Bilt wenje de Bilkerts ek allegearre yn doarpen mei Hollânske nammen. En dat is derbytroch: Bilkerts binne ek Waadhoekesters, gjin stoer minder as Friezen, Frjentsjerters, Hollanners. In rie dy't syn tasizzing fan 'earlik wêzen' neikomme wol, jôút har harren

eigentalige doarpsnammen. Foar stêd en lân sil dat in oanwizing wêze dat de rie syn spul earlik spylje sil. In oar foarbyld fan 'earlik wêzen' is: om en om de kombuorden 50 jier ientalich Frysk en 30 jier ientalich Hollânsk te meitsjen, te begjinnen mei de eigentalige.

Fan in âld-boargemaster binne frage en andert: 'Gemeentehûs?' en 'Spearpunt fan taalbelied!' Wa't yndertiden yn Menaam by B. en W. oankaam mei de frage hoe't it mei it Frysk stie yn kolleezje, rie en amtnerij en fernaam nei it tal kursisten en diploma's, krige fatsoenlik andert, sa't it hearde. Deselde frage, mear as ienkear oan it Frjentsjerter kolleezje steld, kaam spitigernôch gjin andert op. Dat tsjûget net rjocht fan *taalbelied* en *spearpunt*.

'Niet het Nederlands, maar het Fries en de streekdialekten in Fryslân zijn de dominante taal in onze provincie' (kommissaris Brok yn it FD fan 17 maaie 2022). Yn de Frjentsjerter rie leit it lân oars: sa'n 3 jier lyn hat in taalenkête ûnder gemeenten útwiisd dat yn de rie fan de noardeasthoeke mear Frysk sprutsen waard as yn de oare en yn dy fan de *Waadhoeke* it minste.

Yn de Frjentsjerter riedsseale is ús taal de 'ûnderlizzende taal'. Dy beide wurden út CDA-fermidden binne noch net yn it ferjitboek rekke. Faaks wurdt dêrmei bedoeld

dat in twadde, boppelizzende taal ús eigen *deadrukke* sil.

Yn in plaknammebeslút komme de nammen fan de doarpen yn de *Waadhoeke* mei de status fan offisjele namme yn de *Gemeentlike Basis Administraasje* (GBA) foar de Hollânske yn 't plak, yn sa'n beslút komt de *ûnderste taal* boppe – de stedsnamme *Franeker* bliuwt bûten it bestek fan dit stikje. Ús eigen doarpsnammen komme dan op 'e ientalige kom- en ferkearsbuorden te stean om dêre ús taal better sichtber te meitsjen. De Dokkumer rie hat noch gjin twa jier lyn foar de hiele noardeasthoeke in plaknammebeslút nommen, in foarbyld foar de Waadhoekester rie.

Yn it boppesteande stiet it wurd *Hollânsk* foar it wenstige 'Nederlands'. Mar der binne mear talen yn Nederlân,

mear Nederlânske talen en as immen jin seit dat hja/er Nederlânsk praat, is it noch mar de frage 'hokker Nederlânske taal'? Yn klare taal wurdt in wurd dat op mear as ien manear útlein wurde kin, mijd. Yn klare taal bestiet it *Nederlânsk* net.¹

B.J. Postma, Menaam

¹ Postma hat dit stikje op 7 juny 2022 skreaun en opstjoerd nei de *Ljouwerter Krante* (LC), dy't it pleatst hat op 1 augustus 2022 ûnder de kop 'Underste taal (ek) yn Waadhoeke boppe' (s. 11). Hy hat it tagelyk ek oan *Nij Frisia* takomme litten. Postma skriuwt ús dêrby (7/6/2022): 'Ferline wike [haw ik] yn de riedsgearkomste ynsprutsen. Dat wie gjin feest. Gjûn fraksje dy't in bek iepen die, de **nP** – de nasjonale Partij sûnder de **f** – allikemin. De praattaal is der dêrneffens net better op wurden. Ik sil noch nei in oare gemeente ta, mar hokker? Opsterlân, dêr't de FNP it goed dien hat, Eaststellingwarf (dêr't myn pleit wêze soe foar bettere sichtberens fan de taal dêre ynstee fan Frysk)?'

Jaap Slager: ... en ik fiel my goed

Jaap Slager skriuwt geregeld kollums yn ûnderskate talen en makket ek wol oersettings fan gedichten of lieten yn it Frysk. Guon dêrfan steane ek yn Nij Frisia.

'Feeling Good', in liet songen troch Nina Simone en oerset troch Jaap Slager

It ûndersteande liet is in frije oersetting fan it Ingelsktalige liet *Feeling Good* (ek wol bekend as *Feelin' Good*) dat skreaun is troch de Britske 'singer-songwriters' Anthony Newley en Leslie Bricusse foar de musical *The Roar of the Greasepaint – The Smell of the Crowd* út 1964. It nûmer is troch ferskate artysten 'covere' en is ek op 'en nij ynterprearre en op 'e plaat set troch Nina Simone.

Nina Simone, de artystenamme fan Eunice Kathleen Waymon (Tryon, North Carolina, 21 febr. 1933 – Carry-le-Rouet, 21 april 2002), wie in Amerikaanske singer-songwriter, pianiste en boargerrjochtaktiviste ('Civil Rights Movement' fan Martin Luther King). Se wurdt benammen rekkene ta de jazzmuzikanten, mar hie it mier oan dy term. Yn har wurk binne ek ynfloeden fan klassike muzyk, blues, reggae, rhythm-and-blues en soul te hearren.

Se kaam gauris yn Nederlân en fan 1988 oant 1992 wenne Simone ek yn Nederlân, earst yn Nimwegen en letter yn Amsterdam. Dêrnei ferfear se nei Frankryk en wenne fan 1992 oant 1998 yn Bouc-Bel-Air en fierdersoan oant har ferstjerren yn Carry-le-Rouet.

Feeling Good (lofts) – ... en ik fiel my goed (oersetting Jaap Slager, rjochts)

* *Jaap Slager (1985) wennet yn Portugal en is oersetter. Sjoch syn kollums yn Nij Frisia foar mear bysûnderheden. Yn syn kollum nû. 19 (sjoch side 32) neamt Jaap Slager in liet, songen troch 'Simone' ('Feeling Good'; <https://www.youtube.com/watch>), en hat dêr foar syn blog in tige sprekkende en persoanlike Fryske oersetting fan makke, publisearre op 15 july 2022). De ynlieding is fan Sytze T. Hiemstra.*



Nina Simone op 'cover' mei har ynterpretaasje fan 'Feeling Good'.

Feeling Good

Birds flying high,
you know how I feel
Sun in the sky,
you know how I feel
Breeze driftin' on by,
you know how I feel

It's a new dawn
It's a new day
It's a new life for me, yeah

It's a new dawn
It's a new day
It's a new life for me, ooh
And I'm feeling good

Fish in the sea,
you know how I feel
River running free,
you know how I feel
Blossom on the tree,
you know how I feel

It's a new dawn
It's a new day
It's a new life for me
And I'm feeling good

Dragonfly out in the sun
you know what I mean, don't you know?
Butterflies all havin' fun,
you know what I mean
Sleep in peace when day is done,
that's what I mean
And this old world,
is a new world
And a bold world for me,
yeah-yeah

Stars when you shine,
you know how I feel
Scent of the pine,
you know how I feel
Oh, freedom is mine
And I know how I feel

It's a new dawn
It's a new day
It's a new life for me
I'm feeling good

... en ik fiel my goed

Sintsj' oan 'e loft
Do witst wat ik fiel
Fûgels yn in kloft
Jim witt' wat ik fiel
Lyts twirke ûnder 't skoft
Do witst wat ik fiel

Ik bin frij man
Lyk as dij man
De wrâld laket ús ta ju

Ik bin frij man
Lyk as dij man
De wrâld laket ús ta haha
En ik fiel my goed

Fisk yn 'e see
Do witst wat ik fiel
Boer mei dyn fee
Do witst wat ik fiel
Út it neat wei idee
Do witst wat ik fiel

Ik bin frij man
Lyk as dij man
De wrâld laket ús ta ju
En ik fiel my goed

Kat yn 'e rêst
Do snapst wat ik mien, hast it heard?
Hûn yn dyn nêst
Do snapst wat ik mien
Yn frede koest it fêst
Dat is wat ik mien
En wat west hat
Dat is moai wat
Mar wat no komt
Dat telt foar mij

Stjer asto riist
Sa witst wat ik fiel
Wei dy't him wiist
Do witst wat ik fiel
O frijdom asto gniist
Sa witst wat ik fiel

Ik bin frij man
Lyk as dij man
De wrâld laket ús ta ju
En ik fiel my goed

FFU yn brief oan Mercator: sûnder in yntegraal meartalige oanpak is der gjin sprake fan lykweardich en lykberjochtige ûnderwiis yn it Frysk

Oan: Mercator, Europees Kennisintrum foar Meartaligen en Taallearen
Doelestrjitte 8
8911 DX LJOUWERT

Itens/Drachten, 21 febrewaris 2022 (*Dei fan de memmetaal*)

Underwerp: learmiddels bedrige talen

Rju achte meiwurkers,

It bestjoer fan de *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) hat der kennis fan nommen dat de *Europeeske Kommisje* oan Mercator in trijejierrich projekt takend hat om learmiddels te ûntwikkeljen foar bedrige talen. Learmiddels om learkrêften by steat te stellen dy yn harren klaslokaal te brûken. Ien en oar yn gearwurking mei ynstutten yn oare Europeeske lannen. It giet om sprutsen talen dêr't op skoalle gjin ûnderwiis yn jûn wurdt.

Hoewol't der foar it Frysk in wetlike regeling yn it primêr en fuortset ûnderwiis bestiet, slagget it op de measte skoallen amper of eins hielendal net om dat ûnderwiis in lykweardich plak te jaan. It yn 2018 ferskynde *Rapport Taalplan Frysk* is fan datoangeande dúdlik: de skoallen hawwe te min ambysje en wurde wetlik stipe om de ferplichting net serieuus (hoege) te nimmen. Fierder twivelje wy der sterk oan oft it provinsjale projekt Taalplan Frysk 2030 in sukses wurde kin sûnder ymplementaasjemaatregels lykas it Frysk as *funksje-eask* en effektyf tafersjoch op de jierlikse (learling)resultaten.

Neffens it taalsosjologysk ûndersyk *Taal yn Fryslân, de folgjende generaasje* (Fryske Akademy, 2017) is it tal fan fan-hûs-út Frysktaligen al sakke oant ûnder de 50%, wylst dat yn de jierren '60 noch in 70% wie. De dominânsje fan it Hollânsk liedt der neffens de ûndersikers ta dat de Fryskpraters it dreech fine om troch te gean yn en mei it Frysk en konkludearje dan ek ta in proses fan ferfrjemding fan it Frysk. By in tanimmende mobiliteit fan oarstaligen mei tagelyk sterk dominant Hollânsktalich ûnderwiis sûnder tarikkend ûnderwiis yn it Frysk hoecht jin soks gjin nij te dwaan. Kommissaris Brok slacht dan ek de spiker op syn kop mei syn útspraak yn it desimbernûmer fan de *Frieslandpost*: 'Sûnder better en mear ûnderwiis hat it Frysk gjin takomst.' In bedrige taal dus.

LXXI-3-20

Foar goed en effektyf meartalich ûnderwiis – yn Fryslân mei Frysk, Hollânsk en Ingelsk as fak en fiertaal – is wittenskiplik ferantwurde lesmateriaal nedich. Troch de histoarysk miswoeksen taalsituaasje is alle lesmateriaal wól yn it Hollânsk, mar nét yn it Frysk beskikber. Foar it **fak** Frysk binne yn it basis- en fuortset ûnderwiis de metoaden *Spoar 8* en *Searje 36* foarhannen. Foar it Frysk as **fier- en ynstrukjetaal** by alle oare fakken is te hea en te gers wat te besetten, mar fan in systematyk is gjin sprake. It hinget sadwaande fan de ekstra ynspannings fan de learkrêft ôf oft in tema dan ek yn it Frysk oan de oarder komt.

Mei it each op it lytse tal learkrêften dat him op Frysk mêd betûft fielt leit soks net yn de reden, wylst it brûken fan it Frysk by alle oare fakken in elemintêr betingst is foar effektyf meartalich ûnderwiis. Yn 2015 hat de stifting *Mearslach* in eksimplarysk priuwke útjûn fan trijetalich lesmateriaal mei as titel *Maitiid yn it lân*. Wikseljend wurde de trije talen brûkt by it tema *grei-defûgels*. It is lykwols net realistysk om soks fan alle yndividuele learkrêften te freegjen. Dêrfandinne ús pleit foar **it ûntwikkeljen fan wittenskiplik ferantwurde yntegraal meartalich lesmateriaal**. Dêr is in goede reden ta.

Rjocht op goed meartalich ûnderwiis

Frysktalige bern krije yn tsjinstelling ta Hollânsktalige bern op ús skoallen gjin memmetaalûnderwiis. It lêstûnderwiis op de basisskoalle is dêr in (min) foarbyld fan en de gefolgen binne dúdlik: ûnwissens yn it Frysk taalgebrûk, in protte foarbylden fan ynterferinsjes en leaver gjin Fryske teksten/boeken lêze. Soks kin tefoaren kommen wurde troch *yntegraal*, d.w.s. systematysk en gearhingjend, taalûnderwiis.

Fertikale yntegraliteit

Yn it projekt *Taalplan Frysk 2030* wurdt mei rjocht it belang fan trochgeande **learlinen** oanjûn. Foar it Hollânsk binne dy fan pjutteboartersplak oant universiteit ûntwikkele, mar net foar it Frysk. Soks uteret him wol gauris yn de klacht fan learkrêften dat it beskikbere lesmateriaal foar it Frysk 'net passend is yn ús situaasje'. Eins in omkearde wrâld, want net it materiaal is ûnge-skikt, mar der ûntbrekt in systematysk en regelmjittich lesjaan neffens in trochgeande learline. It ferlet fan in foar it Frysk trochgeande learline (*fertikale yntegraliteit*), lykas *Taalplan Frysk 2030* ek útstelt, kin de need-

saak fergrutsje om it ûnderwiis yn it Frysk fan pjut oant en mei universiteit ek wetlik einlings ris better te regelen.

Horizontale yntegraliteit

Mei it tapassen fan *transfer* en *translanguaging* yn de lessituasje kin it taal- en fiertaalûnderwiis effektiver wurde. Neist mominten fan taalskieding is it *ferlykjend* hinne-en-wer springen tusken de trije talen, sawol mûnling as *skriflik*, fan grut belang. It giet dan benammen om it systematysk oanlearen fan aspekten fan *fonology* (útspraak), *morfology* (wurdfoarming), *syntaksis* (tiidswurdsfolchoarder en sinsopbou) en *leksikology* (ferskillen en oerienkomsten yn wurdfoarried, idioom, terminology [faktaal] en nomenklatuer) en *semantyk* (betsjutting fan wurden, útdrukkings, sinnen) om de talen better te ûnderwizen en dêrby in lykwaardige en lykberjochtige posysje foar it Frysk oan te hâlden. In foarbyld fan semantyske ynterferinsje: it begryp ‘rûnom’ (Fr.) hat yn ‘rûnom Wommels’ de Hollânske betsjutting krigen fan ‘rondom’ en fonologysk doocht de útspraak ‘mynskip’ net as *mienskip* bedoeld wurdt. Gâns foarbylden fan ynterferinsjes en kontrastive analyse wurde yngeand beskreaun yn *Bydragen ta de didak-*

tyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis (Grins/Ljouwert: Frysk Ynstitút R.U.G./Afûk, 1982).

Neffens de FFU is der grut ferlet fan in **wittenskiplike ûnderbouwing** fan it yn de praktyk noch altiten tige breklike en tekoartsjittend meartalich ûnderwiis yn Fryslân. Wy steane der dan ek by Mercator op oan dat yn boppeneamd learmiddelprojekt foar bedrige talen it Frysk in prominint plak kriget en dat der leard wurde kin fan foarbylden út it bûtenlân. Dêr kinne produsinten fan Fryske learmiddels lykas Afûk en Cedin harren foardiel mei dwaan.

Sûnder in yntegrale meartalige oanpak kin der gjin sprake wêze fan lykwaardich en lykberjochtige ûnderwiis yn it Frysk.

It bestjoer fan de FFU is ree om neiere ynformaasje te jaan en hopet op in positive reaksje fan Mercator.

Mei rju achtinge,

drs. Th. Dykstra, *foarsitter*

drs. S.T. Hiemstra, *skriuwer*

Learaar Frysk yn fuortset ûnderwiis begjint tenei net mear by nul

De provinsje wol in saakkundige ynhiere om nije doelen foar it skoalfak Frysk te ûntwikkelen. Lykas alle skoalfakken wurdt dat yngeand oanpast. De ôfrûne jierren hawwe ferskate organisaasjes yn Fryslân dy oanpassing al taret.

Benammen de *Stichting Leerplan Ontwikkeling* en *Cedin* hawwe in protte ideeën garre en op basis dêrfan saneamde boustiennen foar it fak Frysk makke. Dy binne te finen op it webstee kurrikulum.frl.

Foar de measte fakken sil de *Stichting Leerplan Ontwikkeling* de doelen ûntwerpe, mar om't dy organisaasje net ien yn tsjinst hat dy't saakkundich is op it mêd fan it Frysk, siket de provinsje dêr ien foar.

Dyselde sil earst de saneamde eintermen foar it fak Frysk ûntwerpe: dat binne de saken dy't alle learlingen kinne en witte moatte. Dêrnei wurde *kearndoelen* makke: dat binne de saken dy't skoallen foar de learlingen dwaan moatte op it mêd fan it Frysk.

Neffens de minsken dy't it wurk taret hawwe, moatte

learlingen by Frysk leare hokker foardielen oft meartaligens hat, se moatte harren ek frij fiele om it Frysk te brûken. Dat it fansels sprekt dat it Frysk op skoalle praatt wurde kin, moat ek yn de nije opset ferwurke wurde.

Wat de feardigens yn it Frysk oangiet, wurdt mear fan de learlingen ferwachte as oant no ta it gefal wie. Al yn de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis moatte hja de grammatika en de staveringsregels fan it Standertfrysk leare. Kennis fan de Fryske kultuer, tradysjes en skiednis heart der tenei ek by. Fierder moatte de bern fertroud reitsje mei Fryske boeken en der in oardiel oer jaan kinne.

In grut ferskil mei de foarige opset fan it fak Frysk is dat it yn de nije opset trochrint fan groep 1 fan 'e basisskoalle oant en mei de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis. No moatte leararen yn it fuortset ûnderwiis faak by nul begjinne, omdat bern mei hiel ferskillende nivo's fan 'e basisskoalle ôf komme.

Boarne: *It Nijs*, 19/01/2022¹

¹ <https://www.itnijs.frl/2022/01/learaar-frysk-yn-fuortset-nderwiis-begjint-tenei-net-mear-by-nul/?fbclid=IwAR28jF2AFXXxtsRQ772MnGYRF4iMs9lJwtCTM9N6y-04ewHqWP0hwWXATzo---->

Hâld de troch begear befleine hurdfleaners ho!

Op it polityk foarum, dat in ûnderdiel wie fan it Friesendroapen op Hilgelân (de 'Friezemoeting' fan 20.5.2022 - 22.5.2022), waard besprutsen hoe't de delgong fan it Frysk opkeard wurde moast. Yn Noard-Fryslân krije hieltiten minder bern les yn harren memmetaal en op Hilgelân wurdt al trije jier lang gjin Halûndersk mear op skoalle jûn. De dielnimmers griepen lykas wenst de kâns om har ljocht oer de matearje skine te litten.

Mar doe't Henk Wolf mei it útstel kaam om op grûn fan it wittenskiplik algemien akseptearre argumint, dat in minderheidstaal, of efterstelde taal, allinne kâns fan oerlibjen hat, as dy taal op guon gebieten privileezje hat foar de boppelizzende, oerhearskjende taal oer, bygelyks om de memmetaal as earste ynstruksjetaal op skoalle te brûken, doe feroare der wat yn de seal.

By it publyk krige er de hannen op elkoar, mar ús gasthear, de boargemaster fan Hilgelân, Jörg Singer, batste deryn en sei dat it op Hilgelân, dêr't fjouwerentritich nasjonaliteiten mei elkoar libje moatte, totaal ûnrealistysk wêze soe as de bern ek nochris Halûndersk op skoalle leare moatte soene. It wie yn ien kear stil en sels Henk Wolf wie sprakeleas, of hie er betocht dat tsjin safolle dommens gjin arguminten opwoeksen binne?

Der wenje 1246 minsken op it eilân (yn 2017), mar simmers giet dat oantal mannich kearen oer de kop. Hilgelanners binne gastfrije minsken; hja fertsjinje ommers harren brea foaral mei it toerisme en fan fjochterijen of maatskiplike strideraasje op it eilân is absolút gjin sprake. Wêrom soe de eigen befolking dan har eigen taal opjaan moatte?


Om't dy trijentrith oare nasjonaliteiten der mooglik gjin boadskip oan hawwe? Mar dy minsken binne ommers meastentiids mar in pear moanne op Hilgelân; kinne hja dan dochs wat te kedizen hawwe oer wat de Hilgelanners op skoalle leare moatte?

It is ek wittenskiplik fêststeld dat *mobiliteit*, yn de romste betsjutting, de grutste bedriging is foar lytse talen. En Jörg Singer is der in eksponint fan: berne yn Konstanz, hat manager west yn Sina en de Feriene Steaten en wol op it eilân no de ferkearsferbiningen, de finansjele sektor en de offshore-ynustry fersterkje: Hil-

gelân wurdt, as it oan him leit, in Manhattan yn in Noardsee fol mei wynmûneparken! De namme *Singer* en *mobiliteit* binne suver *synonimen*. Foar in wrâldboarger as hy is sa'n beheind, efterlik, lytsboargerlik taaltsje mar in stean-yn-'e-wei.

In dei letter makke Jörg Singer it jitte bûnter. Yn in ynterview mei Onno Falkena fan Omrop Fryslân sei er dat der noch mar hûnderttweintich Halûndersk-sprekkers binne en dat dy allegearre boppe de fiifensantich jier binne. Op de fraach oft er ek yn noed siet oft it Halûndersk útstjerre soe, wie it andert dat er **wis** wie dat it Halûndersk útstjerre soe. It ymplisite andert op Falkena syn fraach wie dus dat er dêr ek **net oer yn noed** siet. Mar dat moast er no krekt wol, want it Halûndersk is in offisjeel erkende taal en wurdt beskerme troch it *Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden*, in Europeesk ferdrach dat Dútslân ûndertekene hat. De Dútske oerheid, en dêr makket Singer diel fan út, is *ferplichte* om noed te stean foar it Halûndersk (ferl. kêst 14 fan it ferdrach¹).

Wat Singer fertelde, wie trouwens ek net wier. Der kamen wy deselde jûns al efter yn de noflike gearsit. De



Foarside fan Nordfriesland, moanneblêd fan it NordFriisk Instituut.

frou en ik sieten doe foar twa Hilgelanner froulju oer, dy't earne yn de fjirtich en fyftich jier wiene — dus rom ûnder de fiifensantich. De jongste wie op de fêstewâl berne, de âldste op Hilgelân; mar beide sprieken Halûndersk.

Wikipedy jout oan dat fiif jier lyn rûchwei de helte fan de bewenners noch Halûndersk praten — dat binne der dus sa'n 620. Wêr binne yn fiif jier tiid dy oare fiifhûndert dan bedarre? Singer hat Falkena mar wat wiismakke om ûnder syn plichten wei te kommen. Dêr moat er troch de polityk of by need troch de rjochter op oansprutsen wurde.

As Friezen kinne wy it ek net samar gewurde litte. In oare kear kinne wy net allinne yn klaaiïnge yn optocht oer it eilân gean; dan moatte der *span-doeken* mei, want dy bern dêr hawwe ek rjocht op ûnderwiis yn harren eigen taal en dat moatte wy hiel dúdlik meitsje!

Mar it bêste soe wêze dat wy ús beskermje tsjin sokke kulturele brokkepiloaten as Jörg Singer troch in bettere kontrôle op harren plannen te regeljen, sadat dy ús taal en kultuer net mear bedriigje kinne. Lykas de omjouwing beskerme wurdt trochdat der in miljeu-effektrapportaaasje fer-easke wurdt by bouplannen, sa soe der in **kulturele-miljeu-effekt-rapportaaasje** easke wurde moatte by alle plannen der't de mobiliteit fan minsken mei anneks is. Deskundige en ûnôfhinklike taalsosjologen soene beoardielje moatte oft de taal- en kultuer-beskermjende maatregels, dy't yn nije plannen sitte moatte, foldogge om de skealike ynfloed fan de tanommen mobiliteit te kompensearjen. Hoe keare jo oars de troch jildbegearte oanjage managers op lykas Singer, dy't fan Hilgelân in metropoal meitsje wol, mar dat dêr dan by einbeslút syn dierberste eigen by kwytretsjje moat?

Piter Dykstra
Mitselwier, 31 maaie 2022

Reaktionen

Brief aus Westfriesland

Ein Teilnehmer des Friesentreffens auf Helgoland 2022, Piter Dykstra aus Mitselwier im niederländischen Fryslân, schrieb uns kurz vor Redaktionsschluss einen Brief, den wir hier bearbeitet wiedergeben:

Helgoländer Friesisch ohne Zukunft?

Auf einem politischen Forum des diesjährigen Friesentreffens auf Helgoland wurde diskutiert, wie der Rückgang des Friesischen umgedreht werden könne. Seit drei Jahren gibt es beispielsweise keinen Friesisch-Schulunterricht mehr auf Helgoland und in Nordfriesland hat sich die Anzahl der Schülerinnen und Schüler, die Friesischunterricht erhalten, halbiert. Der Sprachwissenschaftler Henk Wolf

machte deutlich, dass Minderheitensprachen nur dann eine Chance hätten, wenn sie in irgendeiner Weise Privilegien gegenüber der vorherrschenden Sprache vorweisen könnten. Das Publikum im Saal war begeistert, doch unser Gastgeber, der Helgoländer Bürgermeister Jörg Singer, hielt dagegen. Auf seiner Insel müssten 34 Nationalitäten miteinander auskommen, weshalb es völlig unrealistisch sei, dass die Helgoländer Kinder nun auch noch Helgoländer Friesisch (*Halulnder*) in der Schule lernen sollten. Es wurde sehr still im Saal und auch Henk Wolf war sprachlos.

Es erschließt sich mir nicht, warum die angestammte Bevölkerung der Insel ihre eigene Sprache aufgeben sollte – nur weil es 33 andere Nationalitäten dann einfacher hätten? Dabei handelt es sich bei den meisten von ihnen vermutlich um Saisonkräfte, die nur wenige Monate auf der Insel sind. Am nächsten Tag wurde Bürgermeister Singer in einem Interview mit Onno Falkena von *Omyop Fryslân* noch deutlicher: Helgoländer Friesisch werde nur noch von etwa 120 Menschen gesprochen, die nahezu

alle über 75 Jahre alt seien, behauptete Singer. Auf die Frage, ob er sich nicht Sorgen mache, dass das Helgoländer Friesisch aussterben könne, antwortete Singer, dass er *sicher* sei, dass es aussterbe. Doch Sorgen darum machen muss er sich meiner Meinung nach sehr wohl, denn Friesisch gehört auch auf Helgoland zu den geschützten Minderheitensprachen, für die Deutschland europäische Verträge unterzeichnet hat. Der deutsche Staat und seine Organe, zu denen auch Singer gehört, sind verpflichtet, sich um das Helgoländer Friesisch zu sorgen. Singers Sprecherzahlen des Helgoländer Friesisch von 120 möchte ich anzweifeln, weil ich glaube, dass es weit mehr sind. Außerdem gibt es durchaus Menschen weit unter 75 Jahren, die *Halulnder* sprechen. Auf Helgoland scheint es für viele nur um wirtschaftlichen Profit zu gehen, um eine Art Manhattan auf dem roten Felsen, umgeben von Offshore-Windkraftanlagen.

(aus dem Westfriesischen übersetzt, gekürzt und zusammengefasst von der Redaktion)



Politische Diskussion in der James-Krüß-Schule. V.l.: Stefan Gaidies, Stefan Seidler, Denise Loop, Jörg Singer, Ilse Johanna Christiansen, Henk Wolf, Gösta Nissen, Arno Ulrichs

Nordfriesland 218 – Juni 2022

31

De gearfetting fan it brief yn de Nordfriesland wie diplomatiker fan toan. It omtinken is bêst genôch!

¹ Kêst 14 (Ramtferdrach nasjonale minderheden)

1. De Partijen ferplichtsjje harren derta te erkennen dat eltse persoan dy't ta in nasjonale minderheid beheart, it rjocht hat om syn of har minderheidstaal te learen.
2. Yn gebieten dy't fan âlds of dy't manmachtich bewenne wurde troch persoanen dy't ta nasjonale minderheden behearre, stribje de Partijen dernei, as dêr genôch fraach nei is, om derfoar te soargjen, safier't dat mooglik is en yn it ramt fan harren ûnderwiisstelsels, dat persoanen dy't ta dy minderheden behearre, foldwaande mooglikheden hawwe om de minderheidstaal te learen of om ûnderwiis yn dy taal te krijen.
3. It twadde lid fan dit kêst wurdt tapast ûnfermindere it learen fan de offisjele taal of it ûnderwizen fan dy taal.

Hurdfleaners en ús taal!

Piter Dykstra

Pier Snieder (LC, 7 juny) hat gelyk as er tinkt dat myn stikje (LC, 2 juny) oer boargemaster Jörg Singer fan Hilgelân ek wol op de taalsitewaasje yn Fryslân slacht.

Dat eilantsje fan ien kante kilometer, 60 kilometer fan 'e fêstewâl, mei in swide natuer en romrofte skiednis hat in megalomane kosmopolityske boargemaster, dy't fynt dat der gjin plak mear is foar de eigen, iuwenâlde, unike taal omdat de goed 1400 ynwenners har skikke moatte nei ynkommers fan tsientallen nasjonaliteiten. Dat healwize idee is in metafoar foar ús taalsitewaasje.

Te uzes binne der ek lju dy't in takomst sjogge fan oars net as mear en grutter, alle jierren in slach om de wrâld reizgje en allinne mar bryk-Ingelsk-pratende kosmopoliten tsjinkomme. Foar harren hat ús taal ek gjin takomst. Singer is in karikatuer fan sokke minsken.

Pier Snieder beskriuwt wêrom't er mei syn frou besletten hat om de memmetaal net mear oan de folgjende generaasje troch te jaan. Hja wiene út it heitelân fuorttein om it earne oars better te krijen. Dat is tige werkenber. Mear âlden, ek yn Fryslân, hawwe itselde dien om, neffens harren, har bern de bêste kânsen te jaan. Oaren binne yn de húshâlding op it Hollânsk oergien doe't de bern dy taal út skoalle wei mei yn 'e hûs namen. Om't se harren skammen foar harren komôf en de âlden der gjin spul om hawwe woene.

Dat wie lykwols gjin frije kar. Men kin in swartboek skriuwe oer hoe't Fryske bern kronken wurde om te learen dat harren taal de ûnderlizzende is. Sa mocht ik 65 jier lyn, nei ien wike yn de earste klasse, gjin Frysk mear prate. Op de fraach: "Juf, mag ik naar het huisje?", waard net reagearre. Dat mieltsje koe ik wer mei nei hûs ta nimme. En dêr learde ik fan ús mem dat it húske ek 'wc' hjitte. Lyts berneleed, mar in healjier lang koe ik op skoalle neat sizze en doe't ik al genôch Hollânsk koe, wie de aardichheid der wol ôf. Aldergelokst wiene der by ús op skoalle doe noch gjin Hollânsktalige bern dy't harren de bûsen útskuorre soene om sa de fernedering kompleet te meitsjen. Dat is my besparre bleaun.

Hjoed-de-dei is it helte slimmer wurden. Mear as fjirtich jier is Frysk no al in ferplichte fak op skoalle. Mar de measte skoallen dogge der neat oan of slaan der mar in slach nei. Jo kinne net better de bern it ûnderlizzende plak fan it Frysk ûnderwize as troch fjirtich jier lang, sûnder juridyske gefolgen, ús wetlike rjochten op ûnderwiis yn ús eigen taal te skeinen.

Net sa nuver dat âlden tinke dat hja it bêste foar harren bern dogge as hja ús djoerste eigen, de memmetaal, net mear oan it neiteam trochjouwe. Dy kar wurdt makliker as men, lykas Pier Snieder, ornearret dat taal allinne mar in kommunikaasjemiddel is en op himsels neat wurdich is. Bern misse dan neat en der falt jo neat te ferwiten. It is lykwols net wier en ik leau ek net dat Snieder it sels leaut. Wêrom docht er war om skriftlik op myn stik yn te gean as it in spul fan neat is? Wêrom makket er him der drok oer dat ik foar it Frysk opkom as it neat om 'e hakken hat? Wêrom wol er yn syn wenplak wol graach mei de minsken Frysk prate? En wêrom hat er syn bern net yn it Ingelsk grutbrocht? It Hollânsk is ek mar in minitaaltsje dat by Nijeskâns al ophâldt.

De memmetaal is de doar nei de siel. Sûnder dy taal kin men min jins gefoel uterje, misse de dingen, de wrâld, it libben in mytyske betsjutting. De folkstaal omfiemet it minske-aard en befettet in skat fan libbenswiisheden yn siswizen en sêgen. Skitterjende bylden fan lânskippen, karakters en foarfallen binne beskreaun yn poëzij en proaza. Dat moat de skoalle net leechlizze, mar krekt ûnderwize.

Dat kin mei in oerke Frysk yn 'e wike op skoalle perfoarst net ta. De ûnderste taal moat boppe! Mei Henk Wolf sis ik dêrom: "Yn ús Fryslân moat it Frysk ek fiertaal op skoalle wurde!"

Piter Dykstra

Mitselwier, 13 juny 2022 (dit stikje is op 4 july 2020 ek yn de LC opnommen, s. 15, 'Opinie')

Kollum

Henk Wolf*



Henk Wolf

Wêrom soest it ynternetnijs net twatalich dwaan?¹ Dat frege Ingrid Spijkers fan Omrop Fryslân juster oan it publyk fan it Sieperda-sympoasium yn Ljouwert. De fraach wie retoarysk bedoeld, mar neffens my fertsjinnet er in antwurd. Frou Spijkers hie dêrfoar ferteld dat de Omrop ynkoarten in nije app weijout om it ynternetnijs te folgjen. De besteande website en app begjinne by de Fryske ferzje en dy't dat wol, kin de Nederlânske oersetting derfoar klikke. Yn de nije app kinne brûkers kieze oft se it nijs tenei altyd yn it Frysk of altyd yn it Nederlânsk lêze wolle. De Omrop wie al wat nerveus dat de Fryske ferzje dan folle minder lêzen wurde soe, sa fertelde frou Spijkers. Yn it publyk fregen ferskate minsken oft dat oersetten wol nedich wie. It wie ommers in protte ekstra wurk, betelle út publyk jild. Ien frege oft it net ta koe mei in Nederlânsktalige gearfetting.

Kosten en evenredigens

Dy kosten binne in ding, mar los fan dat finansjele argument: wat is der eins op tsjin dat de Omrop it Frysk en it Nederlânsk lykweardich behannelet en minsken de kar jout wat se foar taal lêze wolle? Heart doch fetsoenlik, net?

¹ Dizze kollum hat ek op 'It Nijs' stien, 9 april 2022: <https://www.itnijs.frl/2022/04/henk-wolf-werom-soest-alles-nijsberjochten-net-dubeltalich-wetjaan/>

It probleem is dat allinne de fanâlds Frysktalige Omrop sa redenearet. Earder wie it ynternetnijs altyd yn it Frysk, no is it dûbeltalich mei de Fryske ferzje as maklikst tagonklike, aanst giet it nei folsleine lykberjochting. Tagelyk bliuwe Nederlânsktalige gemeentlike omroppen lykas LEO Nederlânsktalich, ek al krije dy fan Omrop Fryslân in redakteur kado. De Ljouwerter Krante en it Frysk Deiblêd sitearje yn it Frysk, mar it sitaat moat net te lang wêze. As der oer in Frysk boek of in Frysk toanielstik skreaun wurdt, is it stikje woltris yn it Frysk, mar dat binne de útsûnderingen. De kranten skriuwe as regel yn it Nederlânsk en skowe, oars as de Frysktalige Omrop, net nei in likense behanneling fan beide talen ta. De Fryske media wurde dêrtroch Nederlânsktaliger. Neist de kostekwestje is dat in twadde argument om it nijs net twatalich oan te bieden. Dy twa argumenten binne lykwols in stik minder wichtich as it tredde.

Ynklusiviteit

De kranten rêde har de kont: dy krije allinnich jild fan har abonnees en advertearders en binne net ien wat skuldich. De Omrop bestiet fan mienskipjild en dy is dat wol. De maatskiplike taak fan de Omrop wie frou Spijkers heel dúdlik oer: dy wie ek kultuerwarder en dat fûn se aldergeloks in goed ding. De Omrop woe ek "ynklusiver" wurde, sei se. De redaksje moast minder "wyt" wurde en der moast mear omtinken komme foar saken dy't moslims en homo's dwaande hâlde. Wel, stel no dat dat dien wurdt. Dat de Omrop bygelyks in nije drama-searje makket en dêryn komt in heel aardich stel foar dat bestiet út twa manlju, dy't – sa't in stel dat docht – inoar fan tiid ta tiid in tút jouwe.

Der binne minsken en dy ha dêr wat op tsjin. Ik kin my dat net begripe, sa't ik my ek net begripe kin dat minsken der wat op tsjin ha as oaren Frysk prate, mar se binne der. Stel no dat de makker fan de searje, lit ús him Jan Doedel neame, stel dat Jan Doedel foarstelle soe om dan twa ferzjes te meitsjen fan de dramasearje: ien mei it homostel en ien mei in mantsje-wyfke-stel. En as ien dan sizze soe dat dat doch net nedich wie, dan soe Jan Doedel freegje: "Wêrom soest net twa ferzjes meitsje?"

It argumint fan de begrutlike minsken

Sander Warmerdam fan de Ljouwerter Krante helle syn mem dy't gjin Frysk ferstie derby om op te kommen foar de rjochten fan Nederlânsktaligen om yn har eigen taal betsjinne te wurden. Ingrid Spijkers helle har Frysktalige skoanheit derby, dy't de Frysktalige stikken yn 'e krante altyd oersloech. Jan Doedel soe syn pake derby helje, dy soe helendal raar wurde as er twa tútsjende manlju seach. Wêrom soest dy pake net skewiele?

Miskien hat Jan Doedel ek wol in beppe dy't leaver net in brún famke op Omrop Fryslân sjocht. Miskien hat er in skoanheit dy't net oer koarte rokjes mei, in buorman dy't pas nei de Omrop sjen wol as alle froulju heel fetsoenlik it hier yn in doekje opbergje, in buorfrou dy't siik wurdt as ien de tiid wurden omdraait, in omkesizzer dy't út noch yn gjin Stellingwerfsk hearre mei. Wat soest yn alle gefallen in part fan dy minsken net skewiele?

In nije searje

Ik soe it in raar ding fine as de Omrop ek mar ien fan dy minsken út Jan Doedel syn grutte kunderûnte skewiele soe. As ik Ingrid Spijkers hear oer har entûsjasme foar ynklusiviteit, tink ik dat sy der net oars ûnder stiet. As der in manljusstel op 'e Omrop te sjen is, dan is dat net allinnich foar de ferdivedaasje fan oare manljusstellen. In brún famke of ien mei in koart rokje is der net allinnich foar oare brune famkes of foar oaren mei koarte rokjes. Dy't soks net sjen wol, set de televyzje mar út.

Mar sa'n ien mist dan wol de searje. Hy wurdt bûtenletten.

Dat is ek sa as ien it Frysktalige nijs net lêze wol of kin. Mar ho, sille no guon sizze. Dat is heel wat oars. Taal is yn it foarste plak in kommunikaasjemiddel.

It Frysk yn Fryslân is folle mear as allinne in kommunikaasjemiddel

Dat kin de leek sizze. En dy't yn Ljouwert yn it Dútsk mei in toerist of yn it Ingelsk mei in bûtenlânske student praat, dy kin dat ek sizze as er wat mear kennis fan saken hat. Mar ien dy't oan 'e kop en earen ta yn it Fryske kulturele wrâldsje sit, dy kin dat net oer it Frysk yn Fryslân sizze. It Frysk yn Fryslân is folle mear as allinnich in kommunikaasjemiddel. It is in stik fan in bedrige kultuer dêr't de fertsjintwurdigers fan 'e befolking op Europeesk, lanlik en provinsjaal foar opkomme wolle. It is it foarnaamste dêr't in erkende etnyske min-

derheidsgroep – de Friezen – him mei identifisearret. Dy't opkomt foar de earne Nederlânsktalige dy't mar twongen wurdt om Frysk te hearren of te lêzen, dy komt op foar de famylje en kunde fan Jan Doedel. Dy sjocht net wa't echt op it janpoepsplak sit, wa't yn de grutte maatskippij hast altyd wol krijt wat er ha wol: kranten dy't op in pear sitaten nei yn syn eigen taal binne, wothoefolle radio- en televyzjestjoerders yn de eigen taal. Wolle wy dat trochbrekke – en lykas sein wol de polityk dat op alle nivo's – dan moatte minsken deroan wenne dat kennis fan twa talen – Frysk en Nederlânsk – der yn Fryslân by heart.

“Wy wolle net ien bûtenslute”, sei frou Spijkers. Sander Warmerdam hie it der ek oer dat mear Nederlânsk foarkomme koe dat de Omrop minsken bûtenslute soe. Net ien fan beiden pleite foar Oekraynske ûndertiteling of nijs yn it Syrysk Arabysk foar de nijkommers fan de ôfrûne jierren. Wurde dy bûtenletten? Op in bepaalde manier besjoen fansels wol, mar dat is net in tema dêr't oer praat wurdt. It âlde ramt is ‘Nederlânsk is de taal dy't elkenien yn Fryslân behearsket of behearskje moat om meidwaan te kinnen’ en in nijer ramt is ‘it Nederlânsk en it Frysk binne allebeide talen dy't elkenien yn Fryslân begrypt of begripe kinne moat om meidwaan te kinnen’. De Fryske taalstriid draait al sûnt de 19^{de} iuw om de botsing fan dy twa ramten en hoewol't net ien fan al dy mediaminsken dat like te beseffen, wie dat juster op it Sieperda-symposium net oars.

Emansipaasje

De emansipaasje fan de Fryske etnyske groep – net myn optinksel, mar in offisjele Europeeske status, fêstlein yn it Ramferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden – is allinne mar mooglik as hele Fryslân oars begjint te tinken: net allinne oer mantsje-mantsje-stellen of brune famkes op 'e televyzje, mar ek oer it idee dat yn Fryslân allinne it Nederlânsk “de gewoane taal” wêze soe en it Frysk de útsûndering foar wa't dat no sa nedich brûke moat. Al yn 1985 hat de provinsjale folkfertsjintwurdiging sein dat Frysk en Nederlânsk lykweardich behannele wurde moatte. Dat betsjut dat de mem fan Sander Warmerdam net sneu dwaan moat as se it nijs net ferstiet, mar dat se op kursus moat. Dat betsjut dat de skoanheit fan Ingrid Spijkers mar wat mear tiid brûke moat as er witte wol wêr't it artikel op omroep Fryslan.frl oer giet. De man is Frysktalich, dat dat slagget him grif. Sa't Jan Doedel syn pake him mar ferbite moat as er twa tútsjende malju op 'e televyzje sjocht (en hooplik oer syn wjerstân hinne groeit). En it betsjut dat Omroppen mei in maatskiplike ferantwurdlikens Jan Doedel syn pake en beppe, Sander Warmerdam syn

mem en Ingrid Spijkers har skoanheit net skewiele moatte.

“Wêrom soest it ynternetnijs net twatalich dwaan?” Wel, njonken in finansjeel argumint en in argumint fan evenredigens, is it antwurd op dy fraach benammen moreel fan aard: omdat it de emansipaasje fan de Frysktaligen opkeart. Dat mei in priveepersoan of kommersjele krante dwaan, mar in omrop mei in kulturele en maatskiplike taak net.

* *Drs. Henk Wolf (Utert, 1973) is taalwittenskipper. Hy wurket foar de Ryksuniversiteit Grins en de Oldenburgische Landschaft. Hy is taalkolumnist foar De Moanne, It Nijs, Neerlandistiek en de General-Anzeiger, gearstaller fan in wurdlist foar it Noard-Frysk, de learmetoade Snâak Frasch en it Basisboek Syntaxis.*

Bestjoerslid Jenny Douwes yn it sintsje set

Kerst Huisman



Kerst Huisman foar it Paleis fan Justysje (gerjochtshôf) te Ljouwert yn aksje foar Jenny Douwes mei boerd en kaartsjes.

Op de smûke jûn fan de Jongfryske Mienskip yn Oerterp (Selmien West 14) op 9 april 2022 hat Kerst Huisman* JFM-bestjoerslid Jenny Douwes yn it sintsje set en har in lyts presintsje oanbean. It wienen de kaartsjes dy't er noch oer hie fan syn kuieraksje yn 2018 en 2019 foar frijspraak foar Jenny en de blokkearders.

Kerst sei dêrby it neikommende:

‘Ik bin hjir om in lyts presintsje te jaan oan in dame: *ús Jenny*. Yn 2018 en 2019 haw ik yn inkelde tsientallen Fryske stêden en doarpen rûn mei in boerd, dêr't op stie: *Jenny Douwes moat frijsprutsen wurde*. Ik hie doe kaartsjes by my dêr't dat ek op stie, mei it postadres fan justysje. In postsegel derop en it kaartsje yn de bus. De measten hawwe dat ek dien.

Ik hie yn totaal 500 fan dy kaartsjes. Dy wienen betelle troch myn goefreon Jan van der Baan út Grou, âld-Steatelid fan de FNP en hoe moai kinne jo it krije, earder ek master oan de iepenbiere legere skoalle fan De Harkema. Ik wol hjir ek noch twa oare freonen neame: Sytze Hiemstra en Ed Knotter, dy't yn Drachten meirûnen.

Wêrom die ik dit? Net omdat ik in foarfjochter fan Swarte Pyt bin. Dy leit my earlik sein sljocht. Ik haw neat mei it ferhaal fan Nederlânske tradysjes. Dat is in bobbel dy't oaren derfan makke hawwe. Mar ik haw **wol** wat mei dat folk út dy heide- en feandoarpen. Dy doarpen, en de eardere tastannen dêr, binne part fan myn DNA.



Kaartsjes (noch 12 stiks fan de 500) mei **Frijspraak foar Jenny Douwes** (lofts), oanbean troch Kerst Huisman (rjochts) op de smûke jûn fan de JFM (9 april 2022) te Oerterp (foto: S.T. Hiemstra).

Ús mem hjitte Hiltse Borger. Foarheiten en foarmemmen fan har, en dus fan my, libben op de heide yn Boelensloane en De Harkema. Asto, Jenny, yn dyn foarteam minsken hast mei nammen as Hendrik, Sjiuwe en Evert Borger, dan binne do en ik fiere famylje.

En no tsjin eltsenien: wy moatte net ferjitte: dat folk fan heide en fean, dat is ek Fryslân. It gie my om de ûnrjochtfeardigens fan dat fonnis. Der moasten tsientallen minsken foar it buordsje komme en delsabele wurde dy't allegearre ôfkomstich wienen út de arbeidersklasse. Klassejustysje bestiet, tocht ik doe. Wy libje noch altiten yn in klassemaatskippij, sis ik as âlderwetske sosjaal-demokraat. Ik sjoch net allinnich klassejustysje, mar ik sjoch ek klassestriid. Dat ynsjoch is wer fuortsterke troch dy oarloch no, dêr't it Westen, Amearika, EU en de NAVO, ek net frijút geane. As gefolch fan har eigen falen lizze se de iene sanksje nei de oare op, mar dy sille as in spikerhurde boemerang rjocht yn ús gesicht weromkomme. Dêr sille WY it mei te stellen krije. Net de rike stjonkerts. Mei ynflaasje fan jild en leanen, en foar minsken as de measten fan ús hjirre, dy't ek net al te folle hawwe, mei streekrjochte earmoed. Sels revolúsjes kinne net útsletten wurde. Dêrom wol ik ek de JFM **mei klam** oproppe om mei de ûnôfhinklikens fan Fryslân net te wachtsjen oant 2050, mar dy ûnôfhinklikens no op de wurklist te setten.

Tebek nei Selmien. Ik sil hjir in dame wat jaan. Der binne noch *tolve*, fan de 500. Tolve, foar it plakboek of de famylje en freonen fan Jenny. Do sjochst mar. Allinnich wol ik dy freegje om ien kaartsje apart te lizzen foar dyn jonge, no fiif jier. Om him dat, as er de jierren fan it ûnderskied berikt hat, te jaan, sadat er alle dagen sjen kin watfoar in bysûndere mem as er hat.

Doe't dy kaartsjesaksje foarby wie, die Jan van der Baan my in aardich idee oan de hân. Der sil by De Harkema grif wol earne in reedsje of sânpaadsje wêze dat wy noch in namme jaan kinne. En Jan sei derby: Dat soe dan *Jenny Douwesloantsje* wurde moatte. In skoander idee. Mei in soad folk en taspraken en in tafel fan de *JFM* derby mei bearenburch, krektlyk as op it *Reaklif* ferline jier, en mei in optreden fan de Harkemaster brassband *It Heideblomke*.

* *Drs. Kerst Huisman (1940) is histoarikus en publisist. Hy learde ta ûnderwizer en wurke as sjoernalist by de Friese Koerier (1966-1969) en nei de fúzje by de Leeuwarder Courant (1969-2002). Hy publisearre gâns boeken en artikels oer de Fryske skiednis en wurke mei oan De kanon fan de skiednis fan Fryslân [2008]. Huisman helle middelbere akten foar skiednis en sleat dy ôf mei in doktoraalstúdzje. Hy is ek aktyf op Facebook: Wysels Frysk selsbestjoer.*

‘Jongfamme’-taspraak (‘maidenspeech’) fan Sander Hoekstra, de nije foarsitter fan de Jongfryske Mienskip, op de ‘smûke jûn’ fan 9 april 2022

Tank oan Chris van Hes

Alderearst, Chris, tige tank foar dyn ynset as foarsitter fan de *Jongfryske Mienskip* yn de ôfrûne 11 jier. As fertsjintwurdiger yn 'e hannel begjinne jo leaver yn in krite dêr't de foarrige fertsjintwurdiger der in púnheap fan makke hat. Dan dogge jo it al gau better as dyjinge dy't fuortgien is ...

Dat is hjir perfoarst net it gefal. Do hast it troch de jierren hinne geweldich dien. Mar it funksjonearjen fan in foarsitter is ek de útkomst fan de som fermannichfâldige mei de ynset fan alle bestjoersleden. Ik bin grutsk dat ik dêr diel fan útmeitsje kin.

Bestjoer

Oft wy wolris spul yn it bestjoer hân hawwe ...? Jawis man, it fjoer spat der bytiden fan ôf. Hoe kin it ek oars, wy hawwe allegearre in oare politike kleur en dochs krije wy, as it om de Fryske saak giet, de noazen altiten wer de selde kant út. Dat is *Mienskip 2.0*, dat is de Fries en Friezinne op harren stjonkende bêst. Wy steane de kommende jierren noch foar grutte útdagings.

De Haach, it Frysk en de Fries

Wy sjogge wol dat der yn Europa en polityk De Haach ôfspraken makke binne oer de rjochten en it taalbehâld fan erkende nasjonale minderheden, mar oan it útfieren



Sander Hoekstra: foar de takomst is nij 'Kneppel-freed-elan' needsaaklik (Oerterp, 09-04-2022; foto: S.T. Hiemstra).

fan dy ôfspraken wurdt troch Den Haach net in soad dien. Sterker noch, sy besykje dêre hieltiten wer stikjes fan de rânen fan ús rjochten ôf te knauwen.

It tekoart oan tolken by de rjochtbank makket mar wer ris dúdlik dat it Frysk, en foaral de Fries as minske, net serieuus naam wurdt troch it Haachsk regear. Tink

bygelyks oan de oerheidsdokuminten dy't yn 't Sinees, Ingelsk, Poalsk en Arabysk ferskine, mar net yn de twadde rykstaal, it Frysk. Soks raast oan de protters.

Hautên gedrach

It hautêne hâlden en dragen fan guon bestjoerders út de Rânestêd en sjoernalisten hjirre makket dat wy as *Jongfryske Mienskip* geregeld yn aksje komme moatte. Allinnich al fan 'e wike liet in wurdfierder fan de ANWB witte dat de Fryske taal op ferkearsbuorden gefaarlik is foar de ferkearsfeiligens. Goh man, meen je dat? Hoe moat it dan mei al dy minsken dy't op advys fan dyselde ANWB alle jierren nei Frankryk ôfreizgje? Libbensgefaarlik soe 'k sizze, fuort ferbiede en mar nei It Amelân of camping 'De Klaproas' op it Bakkefean.

Ek de haadredakteur fan de *Ljouwerter Krante* die fan 'e wike in duit yn 't ponkje troch te sizzen: 'Halsstarrig gebruik van de Friese taal in de media sluit mensen uit van debat.' Wat is soks oars as stigmatisearing en demonisearing fan de Fryske taal ..., net bêst! Mei datsoarte fan útspraken giet de grize my oer de grouwe en tink ik: hjir moatte wy as *Jongfryske Mienskip* wat mei dwaan. Wy moatte yn aksje komme.

Aksje

Net alle Friezen tinke der sa oer. Neffens Pier Bergsma, ôfgeand foarsitter fan de Ried fan de Fryske Beweging,



Sander Hoekstra (lofts, nije foarsitter JFM) en Chris van Hes (ôfgeande foarsitter, rjochts mei de hammer; 09-04-2002) (foto: Sytze T. Hiemstra).

docht in aksjegroep lykas de *Jongfryske Mienskip* gjin fertuten, sa sei er yn syn ôfskiedsinterview yn de sneonsbylage fan de LC fan in pear wike lyn. Hy ornearre dat men allinnich troch de politike lobby wat foarinoar krije kin. Hy liket te ferjitten dat men somtiden earst mei in aksje wat 'siedzje' moat om by de polityk wat 'rispje' te kinnen. Mar ho, it moat net sa raar, no ...? No, Pier ... I got news for you, der is nea mear foar it Frysk dien as yn 'e twa moanne folgjend op Kneppelfreed. Wêr wie dy rebûlje ek al wer? Oh ja, op 'Saai'...lân, dêr't mei kneppels saaid waard en dat hat wer wat *siedde* ...

Ús doelen

Wy as *Jongfryske Mienskip* binne wach op ús taal ús kultuer, ús grûn, mar steane benammen noed foar de minsken dy't op dy grûn libje, wurkje, wenje en leafhawwe. It makket ús net út as minsken út oare wynstreken wei hjir wenje wolle. As sy mar dielnimme wolle oan ús taal en Mienskipsgefoel hawwe, dan binne

sy fan herten wolkom. Want dêr steane wy as *Jongfryske Mienskip* foar, wy binne der foar alle bewenners. En net allinnich foar dy fan ús Fryslân, mar fan alle Fryslannen.

Wy *ferkenne*, *ferbine* en *ferbreedzje*, en dat dogge wy mei sawol de oare Fryske seelannen as ek mei nasjonale minderheden yn it bûtenlân, koartsein: *Fryslân en de wrâld*. Dat sei Douwe Kalma, oprjochter fan de *Jongfryske Mienskip*, al yn 1916, en sa is de sirkel wer rûn yn 2022.

Ik ûnthjit jimme dat ik my de kommende jierren mei hert en siel ynsette sil om fan Fryslân ... **Fryslân 2.0** te meitsjen, want, dêr bliuw ik by, minsken: wy fertsjinje hjir better, **folle better!!!**

Tige tank foar jimme omtinken.

Sander Hoekstra (nije foarsitter *Jongfryske Mienskip*)

Taspraak fan Sander Hoekstra by it offisjele ôfskie fan Chris van Hes as foarsitter fan de JFM by de Algemiene Ledegearkomste op 8 july 2022




Sander Hoekstra hat no de foarsittershammer en Chris van Hes in moai boek (8 july 2022, Oerterp; foto: JFM).

Bêste Chris,

Ik sil it net te lang hâlde fan 'e jûn, want wy hawwe de generale repetysje al hân op 'e smûke jûn fan 9 april. Jûn meitsje wy it dan ek offisjeel.

Chris do bist in bysûndere figuer mei dyn twa meter fleis en bonken. Ik moat sizze, dêr moat ek hiel wat iten en drinken yn om dy lange lea fan brânstof te foarsjen. De drûge woarsten en liters bier fine rapper harren paad nei dyn mûle as dat it wetter troch de Dokkumer Nije Silen fljocht.

Do bist wiis foar dyn jierren, somtiden wat bearend, mar ek rjocht troch see, betrouber en kinst goed ûnder wurden bringe hoe't dyn fisjy op guon saken is. Dêrom is it spitich datsto de foarsittershammer delleist. Ik begryp bêst dat it net te kombinearjen is mei dyn nije funksje as wethâlder yn de gemeente De Fryske



Chris van Hes mei syn presintsje fan it bestjoer FRYSLÂN yn de GOUDEN IUW (Philippus Breuker, 2022) is grif ek in ynspiraasjeboarne foar in takomstich autonoom Fryslân (foto: S.T. Hiemstra).

Marren. Do silst lykwols noch gauris oan ús tinke, ek al soe it mar wêze troch de ôfplakte kombuorden yn dyn gemeente dy'tsto de kommende tiid grif tsjinkomme silst asto moarns op it fytske nei 't wurk giest. Beskôgje dat dan mar as in waarme groet fan dyn âld-bestjoersleden.

Yn de alve jier datsto foarsitter wiest, is it ledetal fan de *Jongfryske Mienskip* mear as ferdûbele en hawwe wy mei-inoar nochal wat berikt. Wy hawwe as bestjoer in dúdlike kar makke mei ús strategyske piramide om yn 2050 sels ús broek op te hâlden yn Fryslân. Dat hawwe wy doedestiids goed ynskat. It betrouwen yn 'e Haachske polityk hat noch nea sa leech west en hieltiten mear hearre jo dat guon Friezen wer mear foech hawwe wolle oer de saken dy't sy wichtich fine. Martsje de Jong hat der okkerdeis in baas kollum yn 'e *Ljouwerter Krante* oan bestege.

Wat foar wichtige saken binne dat dan? No, it is dochs in skande dat skoallen sels beslisse meie oft Frysk in fak op skoalle is of net. Dat jildt dochs ek net foar de Nederlânske taal? Wer in gefal fan diskriminaasje soe

men sa tinke. Alle plaknammen yn Fryslân soene dochs allinnich yn 't Frysk wêze moatte, dochs? It rekkenride sil grif djoerder útfalle op it plattelân. En ek troch de gaswinning krije jo somtiden it idee dat wy ferwurden binne ta in wingewest en dan haw ik it noch net iens hân oer de Lelyline en it besjitten fan protestearjende boeren. Ja, Chris, bisto der wis fan om fuort te gean? Der steane ús noch in soad útdagings te wachtsjen de kommende tiid.

De *Jongfryske Mienskip* is ûnder dyn lieding in klankboerd wurden fan 'e mienskip en op polityk mêd wurde wy behelle by al wat der op it provinsjehûs bemûskoppe wurdt. Wy komme yn aksje by fraachstikken dy't Fryslân en de Friezen nei oan it hert lizze. Dêr hasto foar op de barrikaden stien en bisto opkaam foar wat dyn Frysk hert dy ynjoech. Dêryn bist in foarbyld foar in soad minsken. Ik wol dy út namme fan alle leden tige tank sizze foar dyn ynset de lêste alve jier.

It giet dy goed, freon!

Kollum fan Jaap Slager (19)*

Sa ûnferskillich as ...

Earjuster wie ik klear mei it safolste harkferhaal, in oersetting: ‘Het Zweedse geheim’. No ja, harkferhaal – ‘audio story’ hjit soks yn geef Hollânsk. Dat ik wie fan doel en doch neat juster. Mar doe’t ik ier en betiid myn kuerke makke, kaam dat liet fan Simone¹ my yn ’t sin. Dat is neffens my sa oer te setten nei it Frysk, tocht my doe. No ja, dat foel ôf, mar ik hie der gjin nocht oan en stin der lang op om. Ja, en doe rûgelen der twa stikjes efteroan. Ik hie it tredde kwealk ôf of Ensafh hong al oan ’e bel oft se it twadde op harren webstee sette mochten ... No, dat mocht om my wol.



De Portugeeske oerheid hat wol twa (!) dwêstfleantúchjes besteld ...

Ik moast ûnwollens efkes tebekinke oan ien dy’t my ris sei dat ik net safolle efterinoar skriuwe moat. ‘Dan lêze de lju it net mear.’ Ja, wat neukt my dat? Ik skriuw ommers net foar de lju, ik skriuw om’t ik it net litte kin. As ik foar de lju skriuwe soe, dan wie ik tink nea net begûn. En ik skriuw wat yn my opwâlet – it komt my oan as de ko it skiten. Ik haw der gjin fertinken op. Sa soe ik no dy syktefersekeringspoalis dy’t my fan ’e wike tastjoerd is, efkes goed trochlêze. Dat hoe’t ik hjir no wer telâne kommen bin ... ik wit it net. Noch gjin poalis sjoen.

No ja, bûtendoar is op it heden dochs net te wêzen, dat ... toe mar. Dat is net allinnich mear sa yn Ibearje, mar yn hiel Jeropa. Se hoege yn Noard-Jeropa al net mear djoere fekânsjes nei de Algarve te boeken, se hawwe itselde waar op harren balkontsje. Moai, net? Safolle foardielen, dy globale feroarings. De mins hat oeral in oplossing foar. Útsein oarloch en brân.

Dêr hat de Portugeeske oerheid sels gjin hânwetter by ...

– Ja, wy sitte net stil en hawwe wol twa (!) dwêstfleantúchjes besteld.

– Moai, dêr hawwe wy ferlet fan. Wannear komme dy? Moarn?

– Nee-hee, mei trije jier ... twa as it ús meiwierret.

Juster kaam sa’n fleantúchje wat te hastich del. Piloat André Silva (38), troud en heit fan in jonkje fan 5, kroandea. Syn libbensdoel: minsken rêde. Wat haw ik in respekt foar sokke mannen. Dizze bangeskiter set gjin poat bûtendoar by in temperatuer fan boppe de 40 graden yn it skaad, foar gjin miljoen. Ik hong noch leaver oan in krús!

Mar dy baasmannen, os bombeiros voluntários, lûke in tsjok pak oan en rinne it fjoer yn. Hja geane eigenwillich de dea yn en rêd it libben fan harren evenminske. Godferdomme! Respekt? Dêr binne gjin wurden foar! Gjin taal is soks treast. Superman is in suertse by sokke mannen. En froulju!

Âlde minsken wolle faken net iens evakuearre wurde. Hja dogge de waarle op ’e doar. Hja wolle har hear en fear, dêr’t se in minskelibben foar mêde en bealge hawwe, net sûnder slach of stjit opjaan. Dy lju komme fansels wer boppe wetter ... boppe it dwêstwetter ... ferkoalle.

**Jaap Slager (Ljouwert, 1958) wennet yn Portugal en docht oersetwurk yn ûnderskate talen. Hy hat in grutte kennis fan it Fryske taaleigen, behearsket ek it Hollânsk, Ingelsk, Portugeesk, Frânsk en Dútsk boppebêst en is aardich thús yn Gryksk en Latyn. Boppesteande kollum is skreaun op 16 july 2022.*



Dy frijwillige brânwachtmannen, os bombeiros voluntários, lûke in tsjok pak oan en rinne it fjoer yn ...

¹ It troch Nina Simone songen liet ‘Feeling Good’ stiet yn dizze *Nij Frisia* op s. 19. It is yn syn eigen Frysk oerset troch Jaap Slager: ‘... en ik fiel my goed’.